

G e a r f e t t i n g

fan de diskusjes oer it

Oanfalsplan Frysk

op 29 oktober 2008 yn 'It Aljemint'

&

O a n s e t t e n

foar takomstich taalbelied



Foaropwurd

It yn 2007 publisearre *Oanfalsplan* Frysk (de 2de útwreide printinge is fan 2008) wie bedoeld as in deltaplan foar it Frysk nei analogy fan deselde namme út de skiednis fan Wettersteat. In *Deltaplan Frysk* soe in dyk opsmite moatte om ús minderheidstaal, it Frysk, in goede takomst hâlde te litten no't taaleroazje troch it opkringen fan oare talen de kwaliteit en it brûken fan it Frysk op de langere termyn bedriget.

De troch de wurkgroep organisearre ekspertmoeting op 29 oktober 2008 wie in earste stap om te kommen ta in ynfolling fan in yntegraal taalbelied. De wurkgroep hat de resultaten fan alle bydragen fan dy dei ferwurke yn dit rapport. It wurdt ynearsten oanbean oan de Steatekommisje *Boarger & Mienskip* foar in diskusje oer taalpolityk.

De ynhâld fan dit rapport jout in byld fan de diskusje oer it *Oanfalsplan* en stelt de wurkgroep tagelyk by steat kommentaar te jaan by wat ynbrocht waard troch de útnoege saakkundigen op de 29^{ste} oktober.

Haadstik 1 jout in beskriuwing fan hoe't de wurkgroep te set gien is om te kommen ta it *Oanfalsplan* en de stúdzjedei. Mei in tal konklúzjes/boustiennen, bedoeld as ramt foar in mear yntegraal taalbelied, wurdt dat haadstik ôfsletten.

Yn haadstik 2 binne de diskusjes op de stúdzjedei gearfette. It hat tegearre mei it eardere *Oanfalsplan* de boustiennen levere foar haadstik 3 dêr't yn trije kolommen rubrisearre is hoe't de situaasje no is, hokfoar yntervinsjes der plak fine moatte en wat it takomstbyld wêze kin. De wurkgroep jout sa de nedich oanfullings op de diskusje as saken dy dei net of te min oan de oarder west hawwe. Yn haadstik 4 steane de ynliedings fan Verf, Salverda en Hemminga fan dy dei.

De wurkgroep sprekt de winsk út, dat dit rapport bydrage sil oan in (sels)bewuster en mear yntegrale taalpolityk mei as doel de foar de Friezen en it Frysk diskriminearjende taalmachtsferhâldings te trochbrekken. Fansels is de wurkgroep ree it rapport nei ta te ljochtsjen.

*De wurkgroep,
jannewaris 2009*

De wurkgroep bestie út: drs.P.Bergsma, dr. J.van der Bij, drs.Th.Dijkstra, drs. S.T.Hiemstra, prof.dr.R.Salverda, dr.W.Valk.

einredaksje: drs. S.T.Hiemstra

tekeningen: Ed Knotter



1. It ‘Oanfalsplan Frysk’ en hoe fierder nei it kongres fan 29 oktober yn it Aljemint?

Op woansdei 29 oktober 2008 kamen sa’n lytse hûndert saakkundigen en steateleden by elkoar op it kongres oer it ‘*Oanfalsplan Frysk. Nei in fersterking fan it Frysk yn alle maatskiplike domeinen*’. Party dielnimmers wiene fan betinken dat it oanfalsplan te twingend is. Dat nimt net wei dat de ynliedings en de besprekken op de kongresdei genôch materiaal jouwe foar in rige oanbefellings.

Ynlieding

Op 8 oktober 1956 spriek Fedde Schurer as foarsitter fan it deistich bestjoer fan de *Ried fan de Fryske Beweging* op de ‘Friezedei’ yn Ljouwert. Schurer frege him ôf oft der foar Fryslân en it Frysk in plak wie yn Europa. De *Ljouwerter Krante* die der ferslach fan ûnder de kop ‘Plan foar massale en fûle aksje nedich foar Fryslân’. Op dy gearkomste waard troch de doetiidske direkteur fan de Fryske Akademy, prof. dr. J. Brouwer, ûnder oaren fêststeld dat it Fryske folk min te rissen wie en hy frege him ôf, oft der foar it Frysk in plak wêze sil op ’e radio, yn ’e tsjerke en krante.

Yn 1961 skreau de Kultuerried noch yn har nota *Einrapport Fryske Tael* oan it provinsjaal bestjoer: “De Steaten fan Fryslân jowe yn hokker direkte of yndirekte foarm dan ek, al nei ’t hja dêr foech ta en dêroer to kediizjen hawwe of dêr war op dwaan kinne, har meiwurking om it Frysk yn Fryslân deselde rjochten ta te krijen as de Rykstaal yn saken dêr’t it Ryk, de gemeenten of de Steaten sels oer te kediizjen hawwe.” Dy rjochten foar it Frysk binne de lêste jierren wol fêstlein. No giet it derom dat de Frysktaligen ek gebrûk meitsje fan dy rjochten. Konkreet betsjut it dat de ynslipe gewoanten fan de lêste ieuwen trochbrutsen wurde. Biedwurden dêrby binne: bewustmakking en taalstipe. De resinte plaknammekwestje yn Wymbritseradiel lit sjen dat der by de Fryskpraters noch hiel wat feroarje moat yn hâlden en dragen. It binne hiel faak de ‘gewoane Friezen’ dy’t har it fûleindichst keare tsjin mear Frysk. Yn 1961 wurdt yn itselde rapport pleite om it foech oer it Frysk yn it ûnderwiis oer te dragen oan it provinsjebestjoer.

De ôfrûne fyftich jier is der in soad feroare. Wy hawwe Fryske radio en televyzje. De taal krige in plak yn in part fan it ûnderwiis en nea earder die de provinsje safolle war foar de befoardering fan it Frysk. En dan hawwe wy it noch net oer al dy ynstânsjes en ynstellings dy’t mear as goed wurk

leverje foar it behâld en de promoasje fan ús taal. Mei de *Afûk, Cedin, Tresoar* en *Fryske Akademy* binne grutte parten fan it bewegingswurk profesjonalisearre. Boppedat is der no in beskieden wetlike ferankering fan it Frysk en hat de taal mear status krigen. Lykwols binne der grutte soargen oer de takomst fan it Frysk. Yn it iepenbiere libben, de media en it ûnderwiis is it Hollânsk noch altyd de dominante taal. De fluchhifking fan 2007 jout oan dat mar 48% fan de respondinten meastal Frysk mei syn/har bern praat. Soks wiist net goed, omdat de *taaloerdracht* gefaar rint. Men hoecht mar op de skoallepleinen om te rinnen om te witten dat der wat langer wat minder Frysk praat wurdt en dan hawwe wy it noch net oer de sichtberens fan it Frysk yn it deistich libben. Boppedat hat de kwaliteit fan it Frysk slim te lijen fan de sterke posysje fan oare talen yn guon domeinen en keart dy situaasje in eigen, goede ûntjouwing nei de takomst op.

De fraach dy’t Schurer fyftich jier lyn stelde, is sadwaande aktueel en hast noch mear as doe. Ommers wy libje yn in tiid fan mondialisearring. Yn lannen as Frankryk sille se der net wiis mei wêze, mar yn de grutte wrâld is Ingelsk de lingua franca. It seit himsels dat wy yn ús lân allegearre it Hollânsk en it Ingelsk yn ’e macht krije. Mar dêrneist heart der in rom en folweardich plak te wêzen foar de eigen offisjele (ryks)taal, it Frysk. Foar hûnderttûzenen is it Frysk de earste taal en de bern hawwe der rjocht op om yn harren eigen taal, de taal fan heit en mem, fan pake en beppe, grut te wurden en dy net allinnich mûnling, mar ek skriftlik folslein yn ’e macht te hawwen. Mar noch altiten sit it Frysk yn in ûndergeskikte posysje en liket it earder terrein te ferliezen oan de gruttere talen om ús hinne.

Sûnder de Friezen giet it net

It wie dan ek net foar neat dat skriuwer Willem Verf yn febrewaris 2005 yn ‘De Moanne’ en letter yn de ‘Ljouwerter Krante’ him ôffrege wat de Friezen sels wolle mei it Frysk. Hy woe ta op in ‘Brede Maatskiplike Diskusje’ yn de hiele provinsje, yn alle kafees, doarpshuzen en skoallen oer de posysje fan it Frysk. Dêrnei soe der in referindum holden wurde moatte: fuort mei it Frysk ôf der mei-inoar tsjinoan, want sa as it no giet, koe it neffens him net langer. It provinsjaal bestjoer kin noch sa syn bêst dwaan foar de befoardering fan it Frysk, mar as de Friezen sels sa sleau bliuwe as no en har taal net oeral mûnling en skriftlik brûke, dan lûkt men winliken oan in dea hynder.

Dy maatskiplike diskusje is der net kaam. De noeden en soargen fan Verf oer de takomst fan it Frysk wiene foar de bestjoeren fan de *Ried fan de Fryske Beweging* (Jaap van der Bij, Renze Valk), de *Feriening Frysk Un-*

derwiis (Tom Dijkstra, Sytze T. Hiemstra) en it *Pedagogysk Wurkferbân* fan de Fryske Akademy (Pier Bergsma) oanlieding om yn mienskiplik op-arbeidzjen mei in plan te kommen. Nei in skoftke makke de nije direkteur fan de Fryske Akademy, prof. dr. Reinier Salverda, ek diel út fan dy ‘Oanfalsgroep’. It resultaat fan dy gearwurking wie in *earste* ferzje fan it hjir-boppe neamde ‘Oanfalsplan Frysk’ (yn 2007).

Yn ’e hjerst fan 2007 hat Tom Dijkstra as fertsjintwurdiger fan de groep ynsprutsen op de oktobergearsit fan de Steatekommisje *Boarger & Mienskip* by de behanneling fan it ‘*Beliedsplan Fryske Taal 2008 – 2010. Fan rjocht nei praktyk*’ en by dy gelegenheid is it ‘Oanfalsplan Frysk’ presintearre, in term dy’t Salverda as earste brûkte yn de ledegearkomste fan de Fryske Akademy fan septimber 2006. De einferzje fan it plan is skreaun troch einredakteur Sytze T. Hiemstra. It ‘oanfalsplan’ wie foar de kommisje *Boarger & Mienskip* fan de Provinsjale Steaten oanlieding om op woansdei 29 oktober 2008 in grut kongres te organisearjen yn it Aljemint.

It hiele *Oanfalsplan Frysk* befettet mei de noaten hûndert siden. Koartsein komt it hjir op del: de provinsje sil **mear** dwaan moatte as it jaan fan foarljochting, it stimulearjen, aktivearjen en fasilitearjen fan Fryske ynstellings dy’t har mei taal en kultuer dwaande hâlde. De provinsje sil ek de taalmacht fan it Frysk fersterkje moatte mei as doel: **it behâld en fuortsterkjen fan it Frysk as fanselsprekkende mûnlige en skriftlike taal yn alle taaldomeinen binnen de Nederlânske ferhâldings** (mei) op grûn fan de offisjele, ek Europeeske, erkenning fan de Friezen as *nasjonale minderheid* en fan it Frysk as *minderheidstaal*. Wêr’t dat kin, sil it Frysk de *earste* taal wêze moatte yn Fryslân. Boppedat moat it Frysk folle mear in *ekonomyske* faktor wurde.

De stúdzjedei

Nei de iepening fan de stúdzje- en diskusjedei troch de hear Jan From, foarsitter fan de niisneamde steatekommisje, wie Willem Verf útnoege as earste sprekker om syn fyzje nochris ta te ljochtsjen. Kern fan syn bydrage wie dat it krewearjen fan de oerheid allinnich fertuten dwaan sil as de Friezen sels harren hâlden en dragen feroarje. It Frysk is gjin frijbljuwende ûndernimming. As wy yn de oanfal wolle, dat moat it in oanfal wêze op de mentaliteit fan it grut part fan de ynwenners fan Fryslân. Wolle wy in oar taal-lânskip, dan moat it taalgedrach feroarje. Dat kin net allinnich fan boppen ôf. Dêrom soe der in brede maatskiplike diskusje komme moatte. Nei dy tige ynspirearjende ynliding wie it wurd oan Meirion Prys Jones fan de ‘Welsh Language Board’. Hy lei yn in lytse trije kertier út wat se yn

syn ynstitút oan taalbefoarding dogge. Jones ûnderstreke ek dat it nea allinnich om de struktueren gean kin, mar dat it benammen om de minsken gean moat. Yn Wales wurdt twataligens wat langer wat mear de noarm. Der wurdt in soad by opset om de bern en de jongerein it Welsk te learen en derfoar te soargjen dat dy taal in modern, om net te sizzen in hip en ‘sexy image’ kriget. Popmuzyk, sport en technology kinne helpe. En wichtich: der is op jierbasis sa’n seis miljoen te ferstriken.

De domeinen

Der kamen op de stúdzjedei sân tema’s yn sân groepen oan bod: *ûnderwiis, rjocht, bestjoer, media, kultuer, ekonomy en soarch*. Foar elts tema wie in saakkundige útnoege om in *ynlieding* te hâlden. Dêrnei wie der sawol de moarns as de middeis twa kear gelegenheid om mei sa’n tsien minsken yn eltse groep te kedizen oer de ynliding en benammen oer de fraach: *hokfoar maatregels binne nedich om it Frysk in sterke grûnslach te jaan*.

De konferinsje waard ôfsletten mei in bydrage fan prof. dr. Salverda dy’t yn ’e pleit gong foar in *Frysk Sintrum foar Fryske Taal en Kultuer*. Sa’n sintrum moat it Frysk en de twataligens op in effektive wize befoarderje op alle beliedsmêden. De opset fan sa’n sintrum sil yn goed oerlis en goede gearwurking mei de besteande ynstânsjes moatte. Wol dêr wat fan telâne komme, dan is ekstra jild nedich. Boppedat moat it Frysk yn de grûnwet.

Sjoernalist Pieter de Groot seach yn de *Ljouwerter Krante* (07-11-2008) werom op de stúdzjedei. Under de kop ‘Fan ûnmooglik oanfalsplan nei strategysk stappeplan’ skreau er oer wat neffens him de bêste oanpak is om it brûken fan de Fryske taal te befoarderjen: “Op syn bêst kin men it mei ferdrach en in protte takt besykje mei in strategysk stappeplan”. Mei oare wurden: soargje foar in effektive oanpak dy’t it folk op ’e dyk, yn ’e hûs, op skoalle, op kantoar en yn de bedriuwen *duorsum* oanset om sa folle mooglik Frysk te brûken.

Fan belied nei praktyk

Dat wie ek de bedoeling fan de provinsjale taalnoata ‘*Ta rjocht komme: it fanselsprekkend plak fan it Frysk 2003 – 2007*’. Minsken folle mear behele by it libben hâlden fan de Fryske taal. Yn ‘*Frysk yn Fryslân: taal tusken minsken. Beliedsplan Fryske taal 2008 – 2010*’ is wiidweidich oanjûn hoe’t de provinsje it ‘rjocht’ yn ‘praktyk’ bringe wol. By de *winske* resultaten is dúdlik oanjûn wat de Provinsje berikke wol en yn hokfoar jier. In grut part fan de winsken moat realisearre wêze yn 2010. Der binne ek doelstellings foar de perioade oant 2015.

As wy de diskusjes fan de stúdzjedei oereidzje, dan kin net oars as konsta-tearre wurde dat der noch in soad dien wurde moat om dy doelen te heljen. Der is in grut ferskil tusken wat it provinsjaal bestjoer foar eagen hat en wat der yn de provinsje bart. It is tige maklik om krytyk te hawwen, mar it doel fan de stúdzjedei wie lykwols benammen om mei in grut tal saakkundigen te kedizen hoe't it noch better kin.

Bestjoerskundige Piet Hemminga sitarre yn syn ynlieding de Frânske poli-tikus Jean Monnet dy't sei: "Rien n'est possible sans les hommes, rien n'est durable sans les institutions." As wy dy útspraak tapasse op de takomst fan it Frysk, dan moatte de Friezen yn it foarste plak 'belutsen' Friezen wurde, mar sûnder de oerheid giet it net. Dy moat foar *duorsumens* ('durable') soargje. De Provinsje soe him neffens Hemminga rjochtsje moatte op de mobilisaasje fan alle oerheden, oanfolle mei en stipe troch domeinen as ûnderwiis, soarch, kultuer en bedriuwslibben.

Op dit plak wurde de haadsaken en oanbefellings fan de konferinsje gearfet-te: it binne boustiennen ta in strategysk (oanfalsplan)plan.

Inkele konklúzjes/boustiennen foar fierder belied:

1. De ieuwenlange diskriminaasje fan it Frysk fan bûten ôf hat de Friezen brocht ta in hâlding fan selsdiskriminaasje. It Hollânsk hat yn gâns wichtige domeinen de oermacht (taalmacht) krige en it brûken dêrfan wurdt 'sa-dwaande' normaal en fatsoenlik achte. It Frysk is yn in ûnderhearrige posysje telâne kommen en yn gâns domeinen marzjinalisearre. Ek in positive taalhâlding sil neffens taalsosjologyske ynsjoggen net automatysk liede ta dêrmei korrespondearjend bliuwend taalgedrach. Dat fereasket benammen in feroaring fan de sitewaasje dêr't it gedrach yn plakfynt, om de feroare opfetting(s) en om it gedrach te stypjen. Dy situaasje moat foar de Friezen ekonomysk fan belang wurde. De Friezen moatte in sosjaal-ekonomysk perspektyf yn it Frysk krije (ferl. ek Oanfalsplan, s. 62). Dat kin as it Frysk earste taal wurdt yn gâns wichtige maatskiplike domeinen.

2. Yn de measte petearen wiene guon lju krytyk oer de toan fan it oanfal-splan: "Twang fan boppen ôf wurket net, men moat de minsken ferliede", wiene dy fan betinken. Dy ferliedingstratezjy soe stal krije moatte troch noch folle mear as no oan promoasje fan it Frysk te dwaan. Dat soe better helpe as it stjoeren mei wetten en regels. De swakte dêrfan is dat sa de (ti-ge)ûngelikense *taalmachts*ferhâldings net oantaast en ferholpen wurde. It

soe dus lykop gean moatte. Fan ûnderen op troch te ferlieden, út te *noe-gjen* en te *fasilitearjen*, mar ek fan boppen ôf troch *maatregels*, *oarderings* en *subsydzjebetingsten*.

3. De sichtberens fan it Frysk moat folle grutter wurde. Der binne oant no ta noch mar in pear gemeenten dy't der wurk fan meitsje. De gemeenten en ek de dekonsintrearre ryksinstelling yn Fryslân sjitte op it stuit tige tekoart oangeande it brûken fan it Frysk

4. It is in goede set dat de Provinsje in soad omtinken jout oan de wichtige doelgroep fan 0 – 30 jier. It is de generaasje dy't beskiedend is foar it troch-jaan fan de taal oan de eigen neiteam.

5. De Provinsje hat de ôfrûne jierren genôch doelstellingen en ideeën op pa-pier set foar de befoardering fan it Frysk. It ûntbrekt op in soad plakken lykwols oan de *útfiering* fan dat belied. In nij op te setten '*Sintrum foar Fryske Taal en Kultuer*' soe him benammen rjochtsje moatte op de praktys-ke útfiering fan it provinsjale taal- en kultuerbelied. Yn dat Sintrum binne de hjoeddeiske oer ûnderskate organisaasjes fersnipele funksjes byinoar ûnderbrocht.

6. Net ien kin der foar wei dat minsken har benammen liede litte troch *be-langen*. Dat betsjut dat de Provinsje mear ynsette moat op it *ekono-mysk/finansjeel* belang om it Frysk te behearskjen en te brûken. Men moat û.o. oan learkrêften, rjochters, de polysje, meiwurkers yn de soarch, bege-lieders yn pjutteboartersplakken en amtners yn ús provinsje *easken* stelle op it mêd fan it Frysk, benammen wat de aktive behearsking oanbelanget. Op ús Fryske learare-opliedings heart it Frysk bygelyks ferplichte te wurden mei hege easken oan de behearsking.

De algemiene konklúzje is: de stratezjy foar ferbettering fan de posysje fan it Frysk sil him rjochtsje moatte op in bewuster taalgedrach fan de ynweners fan Fryslân mei de klam op de taaloerdracht.

It ynnovaasje-proses sil stal jûn wurde moatte ûnder ferantwurdlikens fan in nij te foarmjen slachfeardich, ûnôfhinklik *Sintrum foar Fryske Taal en Kul-tuer* mei in rom budzjet lykas dat beskreaun is yn it *Oanfalsplan*. Dat 'Sint-rum' is op ûnderdielen ferlykber mei de *Welsh Language Board*. It kriget in eigen rjochtspersoan, soarget foar synerzjy, is fasilitearjend, ûnburokra-tysk en leveret foar alle domeinen in passende oanpak ('maatwurk').

2 Ferslaggen

De ferslaggen yn dit haadstik binne gearfettings fan oantekens fan ferskillende notulanten. Dêrtroch is de struktuer net oeral deselde.

2.1 Underwiis

Gearfetting fan de diskusje op 29 oktober 2008

Posysje

Nei de hegere ûnderwiis nivo's ta (universiteit, hbû, mbû) wurdt (de oandacht foar) it Frysk hieltyd minder. Hoe komt dat? Op de hegere nivo's is de posysje hiel minimaal.

Yn it mbû is in ôfwachtsjende hâlding oangeande it Frysk; it wurdt net stimulearre; ek net yn dy sektoaren dêr't it nuttich wêze kinne soe (bygelyks, spw en hoareka). It middelber beropsûnderwiis leveret wol in grutte bydrage oan de Fryske arbeidsmerk, mar de tarieding op de Fryske situaasje wurdt neat oan dien. De dosinten binne passyf en ek studinten binne net bysûnder motivearre.

By it hbû wurdt op de pabû it Frysk wol as logysk ûnderdiel sjoen troch de studinten. Op de *pabû* wurdt eksperimintearre mei in *meartalige* stream. It doel is dat studinten yn de takomst kieze kinne om bûten it fak Frysk en Ingelsk om beskate ûnderdielen yn it Frysk en Ingelsk te folgjen. Om studinten sjen te litten dat it en hoe't it kin (bygelyks op de basisskoalle) en ek om harren kâldwettereangst wei te nimmen. Ut it fjild wei komt ek al sa'n fraach rjochting pabû: der begjint dus wat te groeien. Dêr is emansipaasje fan it Frysk nedich.

Blokkaden

Der is eins in fisieuze sirkel: it ûnderwiis docht net folle oan it Frysk; dertroch giet de kwaliteit en behearsking fan it Frysk efterút en doare minsken it Frysk net mear te brûken yn de maatskippij; dat is dan wer in anty-stimulâns foar it ûnderwiis. Dat wurdt net stimulearre om mear oan it Frysk te dwaan. Dy fisieuze sirkel kin men trochbrekke mei beliedsmjittige maatregels, wêrby't dôchs mear foarskreaun wurdt as no. Op it stuit binne de regels te los; eltseenien kin der foarwei, dat wurket út himsels ek wer negatyf. Dus allinnich folsleine autonomy foar de skoallen wurket ek net.

De ynfrastuktuer en metoaden binne der, mar se wurde net brûkt. Regeljouwing soarget net foar harmonisaasje. De regeljouwing komt út De Haach

en dêr hawwe se der gjin spesjaal belang by.

Fersnipeling is in blokkade; der binne in soad ynstânsjes dy't allegearre grinsflakken hawwe; de ferbining en ôfstimming dertusken moat ferbettere wurde. Der wurdt spitigernôch te faak by inoar lâns wurke. En ek is der it ferskynsel dat Fryske organisaasjes net goed op 'e hichte binne mei oare ûntjouwings dy't yn it ûnderwiis plak fine en dy't faak lanlik beskaat wurde. Faak binne se net ynformearre oer regels dy't feroare binne en tinkt men fierder yn it âlde ramt. By de provinsje hawwe se sa ek wolris oan in plan wurke, dêr't letter fan bliken die dat it dat wurk om 'e nocht wie omdat de regels ûnderwilens feroare wiene. Yn it ûnderwiis moat ek goed ynspile wurde op ûntjouwings dy't kommendeweis binne. Men kin bygelyks wol in moai plan foar it *mbû* betinke, mar as dêr it kompetinsje-model ynfierd wurdt, dan moat it dêr wol yn passe.

Fierders binne ek blokkaden: diversiteit, identiteit en status fan it Frysk, kompetinsjes, ferwachtings en ûndúdlikens oer de easken. De status fan it Frysk hat ek te krijen mei wat men yn it ûnderwiis docht. Der moat dúdlikens wêze oer wat der neistribbe wurdt. Is dat allinnich rjochte op it Frysk of is it rjochte op meartaligens?

It probleem bliuwt it echte brûken fan it Frysk. Hoe kin men minsken stimulearre om frijwillich foar in Fryske skoalle te kiezen? In Fryske stream op in skoalle foar fuortset ûnderwiis is kânsleas. Der moat fraach nei wêze; der moat massa wêze. Derby bliuwt de fisieuze-sirkelfraach wa't der begjint: it ûnderwiis of de maatskippij? De *Welsh Language Board* is in goed foarbyld fan in skeakel tusken oerheid en boarger.

De provinsje mist eins in útfierend orgaan. Dy skeakel ûntbrekt, mar is wol wichtich yn de *plan-do-act-check*-rige. Dêrby is ek in langere-termynfyzje en plenning fan de kant fan de Provinsje nedich (net sa koart as no). Dêr soe it *Sintrum foar Fryske Taal en Kultuer* foar yn it libben roppen wurde kinne.

Oplossings

Der moat in balâns fûn wurde tusken belied/regeljouwing en karfrijheid. Jild spilet ek in rol.

Aksje moat op ferskate fronten tagelyk plak fine en der moat in needsaak wêze om it omslaphpunt te berikken.

Draachflak by de befolking hinget ôf fan de status fan it Frysk en dy hinget wer ôf fan it belang dat takend wurdt oan it Frysk, bygelyks troch de oerheid. De oerheid kin stimulearje dat prosessen op gong komme. De Fryske oerheid moat de Fryske kultuer yn stân hâlde en stimulearje. Op grûn fan it foech dêrfoar kinne easken steld wurde oan it ûnderwiis, mar wol foarsichtich, passend by de situaasje ('maatwerk'). It komt net út De Haach, dus sille de Steaten it sels dwaan moatte. As it foech nei de Provinsje giet, rint de Provinsje ek de risiko's as it ferkeard giet. It kin net dat der *allinnich* foech nei de Provinsje giet. Der moat ek jild oan ferbûn wêze (foech + jild). Wet/ en regeljouwing sûnder jild wurket net. Yn stee fan dingen op te lizzen, kinst it (finansjeel) stimulearje, mar de fraach is of allinnich finansjele stipe wurkje sil. Tagelyk sil ek maatskiplik it nedige dien wurde moatte. Jild is yn alle gefallen in goede stimulâns foar skoallen. De Provinsje kin dêr dan betingsten oan ferbine. De útfiering mei in rom foech soe dan nei it útfierend orgaan (sintrum) kinne. 'Maatwurk' kin bydrage oan oplossings; 'maatwurk' yn stee fan algemiene regels. In foarbyld is it *Sintrum Frysktalige BerneOpfang* (SFBO). Dat besiket ek 'maatwurk' te leverjen en dat wurket. Yn de foarskoalske oanpak is der dêrtroch dan ek draachflak by de âlden.

In idee foar 'maatwurk' is om skoallen in kar te jaan en as skoallen dan keazen hawwe foar it Frysk, dan kin men easken stelle en kontrolearje oft dy easken ek helle wurde. Skoallen kinne dan in ambysjenivo foar it Frysk kieze. Dat kin as konkurrinsjemiddel wurkje mei as effekt dat dat ek wer stimulearjend wurket. It Ryk soe dan it minimumnivo kontrolearje kinne. Oan hegere nivo's wurdt jild keppele. Foar it fêststellen fan de nivo's fynt fisitaasje plak. As it foech op Provinsjaal nivo leit, kin fisitaasje/akkreditaasje út de Provinsje wei ynsteld wurde. Sa as no bygelyks al bart by de pjutteboartersplakken fan it SFBO: ûnôfhinklike fisitaasje. Dat bart ek by de trijetalige basisskoalle. Sil in beskaat nivo helle wurde, dan moat der oan minimumeasken foldien wurde. Derby is it de fraach oft it by it minimumnivo giet om *hielendal gjin* Frysk, of *in minimum* oan Frysk. By dy oplossing bliuwt hieltiten wol de kontekst/fraach út it publyk wei wichtich.

Oan de oare kant sit bygelyks it middelber beropsûnderwiis net op mear regeljouwing en fisitaasje te wachtsjen. Foar elts ûnderwiisnivo moat besjoen wurde wat de risiko's binne fan it stellen fan minimumeasken.

In oar idee is in gedrachskoade foar organisaasjes foar it brûken fan it Frysk. Dy is der al foar de ROC's, mar tige frijbljuwend en it wurdt ek lestich makke om it Frysk te brûken. Yn it fuortset ûnderwiis hawwe de skoallen ek lang net allegearre in gedrachskoade. Dat hoecht net fan boppen te kommen, mar dat kin men yn 'e mande dwaan, bygelyks fia de KAG. In bottom-up-oanpak is wichtich: by learlingen en learkrêften.

In falkûle is om it Frysk apart te besjen. De krêft fan it Frysk is krekt dat it **yn kombinaasje mei** Ingelsk en Nederlânsk giet om meartaligens. Dat moatte de learkrêften ek ynsjen. It *Oanfalsplan* wol in dominante Fryske kultuer; dat is net goed, it moat gean om lykweardigens yn in meartalige diminsje.

Taalbelied op skoallen is wol wichtich om dúdlik te meitsjen hoe't yn de klasse omgien wurdt mei meartaligens. Der is perfoast mear jild nedich foar kompetinsje-ûntwikkeling. Minsken dy't kwalifisearre binne foar it Frysk, moatte beleanne wurde.

Yn it basisûnderwiis is it foech Frysk wol nedich. Fryske learlingen moatte sels it skriuwen yn it Frysk leare wolle. Eins moatte alle learlingen yn it basisûnderwiis Frysk krije. Yn it basisûnderwiis moat al útlein wurde werom't it Frysk ferplichte is.

Yn it middelber beropsûnderwiis soe it Frysk as fiertaal miskien wurkje kinne. Sa soe der tocht wurde kinne oan in fak 'berops-Frysk' mei ferskillende, ikere kompetinsjenivo's (lykas it CEFR). It probleem dat der gjin wetlike basis is, moat wol oplost wurde.

De trijetalige skoalle is in goed foarbyld fan hoe't it wurkje kin û.o. mei Fryske deidielen. Learkrêften, learlingen en âlden sjogge dan hoe't it kin. By it mbû soe men it opbouwe kinne troch bygelyks allinnich mûnling te begjinnen en dan letter de stap meitsje nei skriftlik.

Stipe

In *Sintrum foar Fryske Taal en Kultuer* soe in goede oplossing wêze kinne foar de fersnipeling.

2.2 Rjocht

Gearfetting fan de diskusje op 29 oktober 2008

Ynliding

Ynlieder Oebele Brouwer set út ein mei in koarte yntroduksje. Hy achtet it spitich dat der gjin lid fan de steatekommisje *Boarger & Mienskip* oanwêzich is by dit fermidden. De ynlieder jout oan sels net behelle te wêzen by it skriuwen fan it *Oanfalsplan* sa't it der no leit.

Brouwer is yn 1997 yn Ljouwert oan it wurk gien en hat him doe ferbjustere oer de posysje fan it Frysk. Yn teory is de posysje hiel goed, op papier binne der gjin beheiningen en der is ek wol jild genôch. De kontrôles út De Haach binne dan ek altyd tige posityf. Mar yn de praktyk wurdt it Frysk amper brûkt. De bottom-up-oanpak fan de *Welsh Language Board* sprekt Brouwer wol oan. No tinke minsken faak dat it Frysk harren saak net goed docht yn it rjocht. It moat út de minsken sels wei komme. In emansipaasje fan de Friezen dy't harren taal foar fol oansjogge.

It stellen fan easken lykas steld yn it *Oanfalsplan*, is dan ek net mear as in 'lachertje'. No soe it al sa kinne dat nije wurknimmers ferplichte in kursus Frysk folgje moatte. Fasilitearjen is miskien it maksimale dat top-down dien wurde kin.

A. Kapasiteit

Der bestiet gjin Frysk rjocht; it is altiten in oersetting út it Nederlânsk.

Oanjûn wurdt dat in soad (foar)oerlis yn it Frysk plakfynt, mar dat yn de rjochtseal sels de minsken foar it grutste part oergeane op it Nederlânsk. It oantrunen fan minsken (top-down) troch bygelyks yn it Frysk te begjinnen, wurket net altyd.

Yn it notariaat is it dreech om in Fryske akte op te stellen en foar in soad minsken is it taalgebrûk (frjemde wurden) ek te dreech. Derneist binne der ek oersettingskosten om't de akte ek altiten yn it Nederlânsk wêze moat. De sprektaal is fierder gjin probleem.

De oplieding fan juristen is yn it Nederlânsk en it duorret efkes om jin it Fryske jargon eigen te meitsjen.

En Fryske akten binne djoerder ('de ponge is de beheining'). Wol binne der yn Fryslân in soad Fryske notarissen ferlike mei de rjochtbank, dêr't mear 'jobhoppers' binne.

In Frysktalige sitting is hiel dreech – dan moatte alle partijen it Frysk goed behearskje, û.o. de griffier.

Minsken moatte foar't sy yn de rjochtseal komme al in kar makke hawwe hokfoar taal oft sy prate sille. In 'split-second'-beslút pakt altiten min út foar it Frysk.

De boade kin in wichtige rol spylje. Hy/sy kin freegje yn hokfoar taal oft de minsken harren uterje wolle. Foar de boade/balymeiwurkers soe twataligens wol in beneamingseask wêze kinne.

B. Mooglikheden

Konkrete ideeën dy't neamd binne:

- It televyzjeskerm mei de sittingstiden twatalich meitsje.
- In beliedsplan mei konkrete doelen foar de rjochtbank is nedich.
- Foarbyld út Bastogne/Bastenaken: "Groetsje ús en wy witte hokfoar taal oft jo prate".
- Frysktalige akten guodkeaper meitsje as Nederlânsktalige akten – stipe út de Provinsje Fryslân wei.
- 'Incentive': mear lean as men Frysk kin ('in gouden kaai wol op alle slotten draaie').
- Twatalige wetjouwing yn it plak fan Nederlânsktalige wetjouwing – foaral legere wetjouwing, lykas de *Algemeene Plysje Oarderding* ('APV'); dat moat troch de Provinsje Fryslân útsocht wurde.
- It Frysk *Juridysk Wurdboek* en *Modellen* binne op projektbasis ûntwikkele; dy soene eins struktureel byholden wurde moatte.
- It ôfsluten fan de kursus Frysk moat mear oanklaaid wurde, lykas by it krijen fan it steatstsboargerskip.
- Foarljochting/parsekontakt yn it Frysk.
- Poster fan 'Praat mar Frysk'-kampanje oer de rjochtbank.
- It ynsetten fan bygelyks kommissaris fan de Keninginne om Frysk te promoatsjen.

C. *Ferlet*

Der binne gjin (aktive) advokaten oanwêzich in it selskip, mar der wurdt ferwachte dat der by de advokaten gjin ferlet is. Mar as de kursus Frysk fergees oanbean wurdt, dan kinne advokaten der wol in kommersjeel foardiel mei helje.

D. *Fierder ûndersyk*

Hoefolle fan de boaden en balymeiwurkers behearskje it Frysk? It giet hjir om sa'n 15 minsken. Undersyk soe de Fryske Akademy wol dwaan kinne.

E. *Gearwurking*

De *Afûk* moat de kursus Frysk oanbiede, yn gearwurking mei it *Taalsintrum Frysk* (CEDIN) en de *Fryske Akademy* docht it ûndersyk

F. *Sintrum foar Fryske Taal en Kultuer*


In 'Sintrum' soe stimulearje, stjoere en koördinearje moatte. It útfieren oan oaren oerlitte.

Konklúzjes:

- Net folle affiniteit mei it oanfalplan.
- Sosjologyske kant net ûnderskatte.
- Boade yn de rjochtbank/ it Hof moat twatalich wêze, fierder net ferplichte stelle.
- Stimulearjen fan it folgen fan in kursus Frysk.

Provinsje Fryslân moat:

- Utsykje oft legere wetjouwing yn it Frysk kin.
- Juridyske terminology yn it Frysk by de tiid hâlde.
- Ferlet fan finansjele stipe by notariële akten ûndersykje.



2.3 Bestjoer

Gearfetting fan de diskusje op 29 oktober 2008

Wat is de posysje fan it Frysk beliedsmjittich en ek maatskiplik yn it oanbelangjende domein?

Yn de ynlieding wurdt de posysje fan it Frysk yn de Nederlânske polityk delset as in 'minor issue'. De oare rykstaal ûntjout him wol stikje by bytsje, mar it moat fier wei komme. Der is driuwend ferlet fan in trochgeande ûntjouwing foar de Fryske taal; dat kin allinnich troch in konsintrearre en mienskiplike aksje fan Provinsje en de Fryske gemeenten. Wol kin praat wurde fan in omkear yn it natuerlike proses fan it Frysk. Tweintich jier lyn waard men as bestjoerder fanatyk neamd as men yn it iepenbier Frysk prate, no wurdt men krekt as in apart gefal sjoen as men as bestjoerder mei Frysk as memmetaal of twadde taal net yn it iepenbier Frysk praat.

It idee om it Frysk as *earste* taal fan de provinsje Fryslân yn te fieren wurdt troch fierwei it meastepart fan de meidoggers net stipe. Dat idee is nei foaren brocht op grûn fan de opmerking dat oerheden al sa lang oan it griemen binne mei it goed delsetten fan taalbelied. Dêrmei kriget it Frysk in wat keunstmjittich karakter; oerheden moatte mear ynvestearje om yntern mear draachflak te kreëarjen. It mei dan in prinsipe sa wêze dat beide talen lykweardich en lykberjochtige binne, it is noch neat wurden neat mei it yn 'e praktyk bringen dêrfan.

It meastepart fan de meidoggers is fan betinken dat it fasearjen fan de beide rykstalen ôfbrek docht oan it prinsipe fan lykweardigens en lykberjochtiging fan it Frysk oan it Nederlânsk. Minsken moatte it frij hawwe om in kar te meitsjen. As de kniper op 'e skine komt, sil it Nederlânsk foar master opslaan. *Mearderjende* en *minderjende* lykweardigens wurdt ek as term yn de groep smiten.

De posysje fan de Fryske taal stiet faai as it om *yntegraal* belied giet. Der binne genôch moaie beliedsplannen mei goedbedoelde yntinsjes dy't nei bûten ta kommunisearre binne, mar yn de organisaasje sels leit faak de oast. Soks wurdt wol it '*mystearje fan de beliedsplannen*' neamd; yntern moat in omslach yn tinken groeie.

It Frysk soe in wichtige ekonomyske faktor wêze moatte; op dit stuit is de ekonomyske betsjutting fan it gebrûk fan de Fryske taal te min sichtber en

binne de minsken yn Fryslân harren dêr te min fan bewust.

Wat binne de stroffelstiennen om in lykweardich plak foar it Frysk te krijen sawol yn it oanbelangjende domein as ûnder ynfloed ek fan de maatskiplike posysje fan it Frysk op dit stuit?

- It Frysk hat gjin natuerlike lykweardige posysje. By it opliedingssysteem soe it Frysk yntegraal diel útmeitsje moatte fan it kurrikulum.
- By it stellen fan funksje-easken fan aktive behearsking fan it Frysk hat men gau eangst om minsken út te sluten. Foar de measte leden is dat in stap te fier: kwaliteit hat it foaroanplak. It Frysk moat it yn dy diskusje yn 'e measte gefallen beljje.
- Yn it ekonomysk libben wurdt it Frysk benammen as in *lêst* sjoen ynstee fan in *unique selling point*. Bedriuwen fan bûten dy't har yn Fryslân fêstigje wolle, wolle eins net folle lêst hawwe fan it Frysk. Dêrom kin Fryslân ek sjoen wurde as in minder geunstige fêstigingsprovinsje foar bedriuwen fan bûten.
- As in Frysktalige bestjoerder foarsjennings ynpasse wol foar de Fryske taal, dan sil dat makliker slagje en is it better polityk te ferkeapjen as inselde beslút troch in net-Frysktalige bestjoerder inisjearre wurdt. In Frysk(sinnig)e bestjoerder hat gau te krijen mei foaroardielen.
- By beliedsbepalings foar de Fryske taal spylje *emosjonele* faktoaren in grutte rol. Dêrom kriget taalbelied hiel faak in heech striidnivo en keallet it swier om it Frysk gewoan te hâlden.

Wat binne oplossings (beliedsmjittich en projektmjittich) om ta in lykweardige posysje fan it Frysk yn it oanbelangjende domein te kommen? Om hokfoar konkrete (politike) maatregels giet it dan?

- Minsken yntrinsyk motivearje en sjen litte wat no krekt de mearwearde is fan it Frysk. De strategy moat wêze om minsken út te daagjen en te ferlieden.
- Konsintrearje op de doelgroepen *bedriuwslibben* en *toeristen* en sjen litte dat jins organisaasje him ûnderskiede kinne troch it Frysk as in marketingynstrumint te brûken. In goed foarbyld is partysintrum 'De Pleats' yn Burgum dy't him folslein twatalich profilearret. Soks falt op, makket it gebrûk fan it Frysk yn 'e mienskip eigen en minsken fan bûten nijsgjirrich.
- Oerheden moatte safolle as mooglik is regelings treffe om har meiwurkers te fasilitearjen en motivearjen om har it Frysk eigen te meitsjen (bgl. in gratifikaasje by it heljen fan kursussen Frysk; it jaan fan kursus-

sen Frysk ûnder wurktiid; in jierlikse priis útrikke foar in amtner dy't it posityfst mei it Frysk dwaande is).

- Oansprekkende figueren brûke, benammen de winst yn it ûnderwiis helje en pjuttelieders goed tariede. Dat wurket better as it hieltiten hammerjen op op rjochten en plichten.
- In oplossing is it hawwen fan in tafersjochramt en hanthaveningsbelied. Dat is it grutte brekme fan it Fryske-taalbelied. Bestjoersorganen kontrolearje bygelyks net oft sjauffeurs fan iepenbiere ferfiersbedriuwen wol yndie it Frysk op syn minst passyf yn 'e macht hawwe.
- De provinsje Fryslân en de takomstige nije gemeente *Súdwesthoeke* soene in eksperimint op priemmen sette moatte foar in mienskiplike nije fyzje en in dúdlik taalbelied; in soarte fan bestjoersôfspraak tusken provinsje en gemeente.
- Fleurich hâlde en ek yn petear gean mei net-Friezen; it biedwurd is 'Jo hawwe net yn Fryslân west as jo gjin Frysk heard hawwe'. Dêrom is it brûken fan it Frysk in goede taktyk om minsken fan bûten yn jins eigen taal wolkom te hjitten.

Konkrete politike maatregels:

- Strategyën ûntwikkelje om taal te ferbinen oan it op de klant rjochte tinken.
- Hurd wêze yn it stellen fan funksje-easken; wol soe ûnderskied makke wurde moatte yn 'frontoffice- en backofficefunksjes'.
- De oerheden moatte de ynterne taalferhâldings ûnder amtners en managers yn byld bringe. Oan de hân fan it prinsipe 'mjitte is witte' it oanimmingsbelied ynpasse en om yntern mear draachflak foar it Frysk te krijen. Taalbelied moat men yntern tusken de earen krije.
- Ut de praktyk wei nei belied ta wurkje en ek altiten oanjaan dat men ek Hollânsk prate mei.
- De provinsje en gemeenten soene de trijetalige skoallen folle mear stimulearje moatte. As de meartalige skoallen yn trochsnee bettere prestaasjes leverje as *gewoane* skoallen, dan sil de boarger yn Fryslân dêr ek mear om freegje.
- Gemeenten moatte goed oanjaan dat sy it Frysk wichtich achtsje.

Yn de groep is in wiidweidige diskusje fierd oer de bestjoersmjittige oanpak, sa't dy delsetten is yn it oanfalsplan. De leden ornearje dat dy oanpak net mear sa fan dizze tiid is. Men makket de boargers no krekt kjel om fan boppenôf mei de swipe derby lâns te gean. In oare filosofy is fanneden: in dúdli-

ke keppeling fan *doel - strategy - jild* moat der komme.

Hokker stipe soe der komme moatte foar it stribjen om it Frysk syn lykwaardige posysje jaan?

- De befolking moat de oerheden stypje om oan te jaan dat it Frysk harren de muoite wurdich is. Sy bepale sels de sichtberens en spylje net swak by as it giet om it ferbinen fan de eigen taal oan ekonomyske faktoren. De Friezen binne sels eins de oarsaak dat it Nederlânsk hieltiten mear foar master opslacht. Yn de jierren sechtich en santich is in grutte slach ferlern troch de migraasjegolf. It kin eins noch as in wûnder sjoen wurde dat it Frysk noch hieltiten bestiet. Wolle wy it Frysk bewarje, dan moat de befolking dat sels dwaan.
- Oerheden moatte sels in warber belied foar it Frysk op priemmen sette mei in keppeling fan preemjes en beleannings foar meiwurkers dy't it goed dogge.
- Fan ûnderenop it Frysk safolle as mooglik is stimulearje en dêr sa betiid mooglik mei begjinne.



Gearfetting fan de diskusje op 29 oktober 2008

In pear opmerkings foarôf: dielnimmers kinne harren net alhiel fine yn de tekst en toan fan it *Oanfalsplan*: dy is te twingend en net foldwaande út-noegjend. It soe goed wêze om mear yn te setten op it multimediale/crossmediale aspekt. Dat ûntbrekt no. Boppedat ûntbrekt in dúdlike strategy en in te folgjen taktik.

Aktuele sitewaasje (ynlaat troch Roel Cazemier)

By *Omrop Fryslân* hat de Fryske taal in grutte rol. Net omdat it it doel fan 'e omrop is om it Frysk te promoatsjen, mar omdat de omrop him oanslút by de taalpraktyk fan 'e Friezen. Dêrneist hat de omrop fanwegen in budzjet dat it Provinsjaal Bestjoer beskikber stelt, in ferplichting foar it meitsjen fan Fryske programma's.

By de kranten leit it oars. By harren spilet de kommersje in gruttere rol. It Frysk hat yn 'e deiblêden in hieltiten lytsere rol krigen. Sitaten fan Fryskpraters wurde yn it Frysk oernommen yn 'e krante; artikels op it mêd fan kultuer binne sa no en dan yn it Frysk en resinsjes wurde yn it Frysk skreaun as it bygelyks om in Frysk toanielstik giet. Mar faak wurdt it Frysk brûkt as fersiering, soe it stik ek sûnder de Fryske 'ornaminten' lêzen wurde kinne. Lêzers hawwe net folle op mei Frysk yn 'e krante. It hieltly marginaler wurden fan it Frysk yn 'e krante komt fan ûnderen op, fan de Friezen sels.

In folslein Fryske krante of in stjoerder dy't hiele dagen yn it Frysk net allinnich it Fryske, mar ek it (ynter)nasjonale nijs bringt, is net mooglik en net ek winsklik (werom net waard net dúdlik). Dat fanwegen de kosten en it ûntbrekken fan belangstelling dêrfoar. De omrop hat bygelyks folle mear in oanfoljende rol op oare omroppen.

Der wurdt praat oer yn hoefier't it Frysk noch fan dizze tiid is. It soe nefens de dielnimmers goed wêze om ris nei te tinken oer de fraach of Frysk alles yn him hat om by de tiid te bliuwen.

In pear kear wurdt de taspraak fan dhr. Jones fan de *Welsh Language Board* fan earder op 'e dei oanhelle. Dielnimmers tinke dat de situaasje yn Fryslân net alhiel te ferlykjen mei dy yn Wales. Yn Wales komme initiatieven fan ûnderen op. Ek kinne minsken út Wales minder goed oerwei

mei Ingelsken as Friezen mei oare Nederlanners. Friezen binne harren eigen fijân as it giet om de takomst fan it Frysk, sa wurdt der sein.

Wêr leit it him oan?

De dielnimmers binne skeptysk oer mooglikheden op it mêd fan media om de posysje fan it Frysk te ferbetterjen. Eltsenien jout oan dat it dreech is om fan 'e media te ferwachtsjen dat dy in bydrage leverje kin oan de fersterking fan 'e posysje fan it Frysk. Media binne folgjend, net liedend en binne in ôfspegeling fan wat libbet yn 'e mienskip.

Der wurde kânsen sjoen foar de nije media, oan de oare kant binne dêr ek twivels oer, want wêrom soene nije media berikke kinne wat de tradisjonele media net slagget. De dielnimmers freegje harren ôf oft der wol op de media ynset wurde moat. Sa as earder al oanjûn, media binne folgjend. Der moat in keppeling socht wurde mei oare domeinen. Foaral ûnderwiis wurdt in belangrike rol taskreaun. By de dielnimmers libbet it gefoel dat Friezen harren taal wol brûke wolle, mar it ienfâldichwei net kinne. Underwiis hat dêr in rol yn. Der binne ek lûden út de groep dat de minsken net wolle. Alle inisjativen om de posysje fan it Frysk te ferbetterjen, komme net by de gewoane minsken wei, mar wurde fan boppen ôf 'oplein'.

Mooglikheden

Mooglikheden dy't (neist mear omtinken foar nije media) oanjûn wurde, lizze mear op gebieten bûten de media. Der is in idee om wat yn 'e sport te dwaan mei promoasje fan it Frysk. Sportferienings binne faak goed organisearre en faak spilet de Fryske taal ek in belangrike rol yn it ferieningslibben. Der is in protte fraach nei frijwilligers, faaks kin it winnen dêrfan kombinearre wurde mei in kampanje yn it Frysk. As dêr in subsydje foar is, wolle bûnen faak wol. In oare opsje is om trainingsmateriaal yn it Frysk oan te bieden. Sokke inisjativen soene dan net út de Provinsje wei komme moatte, mar fan ynstânsjes/minsken dy't tichter by de minsken steane. Der soe ek in priis of sokssawat oan ferbûn wurde kinne om it oantrekliker te meitsjen.

In oare mooglikheid foar de promoasje fan it brûken fan it Frysk sjogge dielnimmers yn in taalbuero. Neffens harren is de wil der by in protte minsken wol om it Frysk te brûken (bygelyks yn doarpskrantsjes, tsjerkebledsjes) mar bart dat net omdat minsken de taal net skriuwe kinne. In taalbuero

dat teksten oersetten kin yn it Frysk, soe hiel goed helpe kinne. Dat moat wol sjoen wurde as tydlike oplossing, minsken moatte it sels ek leare. Dy taalhelp wurdt ek sjoen as mooglike opstap nei mear Frysk yn 'e kranten. Der wurdt ek noch oanjûn dat it in mooglikheid is om adverteders yn it Frysk in koarting te jaan om harren sa te stimulearjen.

Oare saken dy't belangryk fûn wurde, binne dat der in maatskiplik debat op gong komme moat. Dêrby moatte aksjes net ynsidinteel wêze, mar foar langere tiid en dêrby sille in dúdlike strategy, in dúdlik stappeplan en in dúdlik doel de grûnslach foarmje moatte. Fierder wurdt der neamd dat sa'n debat better net 'maatskiplik debat' hjitte kin, dat is net oantreklik genôch.

In oar punt dat oanjûn wurdt, is dat neffens de dielnimmers de link dy't tusken it brûken fan Frysk en de skiednis en kultuer fan Fryslân lein wurdt, better net lein wurde kin. It brûken fan it Frysk soe keppelen wurde moatte oan it feit dat it in rjocht is om de eigen taal te brûken. It wurdt no tefolle romantysearre (en sa kriget it al gau it stimpel fan in taal dy't net fan dizze tiid is).

Ferlet

Der is ferlet fan in gruttere klam op nije media. Foaral om jongerein te berikken is it wichtich om dêr op yn te setten. It is fanwegen de flechtigens, in leechdrompelige oanpak foar minsken om Frysk te skriuwen (sms, e-mail).

Dêrneist is der ferlet fan minsken dy't by de kranten en de televyzje harren rjochtsje sille op it Frysk. Dat allinnich as der echt ferlet fan is by lêzers/sjoggers/harkers. Foar sjoernalisten is der gjin kursus of ûnderdiel yn harren oplieding dy't him rjochtet op omgean mei taal yn meartalige gebieten. By de kranten is der no ek gjin ferlet fan minsken dy't dêr mear fan witte, omdat de fraach der net is by de lêzers om mear Frysk yn 'e krante. By de omrop spilet dat ek net, omdat it net past yn 'e taalpraktyk fan 'e befolking (dêr't de omrop him by oanslút). Sawol de kranteminsken as dy fan de oare media fernimme dat der hieltiten minder jongeren mei in goede Fryske taaleftergrûn beskikber binne foar de funksje fan sjoernalist.

2.5 Kultuer

Gearfetting fan de diskusje op 29 oktober 2008

Ynliding

It kulturele domein is hiel wat oars as de formele domeinen fan oerheid, rjochterlike macht, ûnderwiis, ensfh. Hoe ferhâldt de kultuer – hiel breed – him ta it taalbelied? Sjoch it argyf fan *Tresoar*: fan de 25.000 meter argyf is sa'n 3 prosint yn it Frysk. Hoefolle betsjutting hat de Fryske taal dan foar de kultuer yn Fryslân? Wêrom bekroadzje wy ús om formele wet- en regeljouwing, as de kultuer him wol rêdt? Wat taalbelied oangiet: prima as de organisaasjes yn it publike domein frege wurdt om minimaal lykweardigens fan it Frysk yn te fieren. Lit ús dat taalbelied mar fiere en it Frysk yn de kulturele ynfrastruktuer sichtber meitsje. Mar is DE kultuer yn Fryslân wol tsjinne mei it Frysk as earste taal? Yn it ferskaat fan de kultuer kin it Frysk sterker wurde, mar dan troch de strategy fan de ferlieding, net it oplizzen.

Diskusje

Der is wol begryp foar it *Oanfalsplan*, mar de toan is net goed. De klam leit te folle op it moatten, soe lizze moatte op de ferlieding. Der is te min realiteit yn it stik te finen. Der moat in ferskil makke wurde tusken kultuer- en taalbelied.

Taal sichtber is in belangryk elemint. Sichtberens by it *Noardelijk Filmfestival* bygelyks is posityf. Der is wol in ferskil tusken talige kultuer (literatuer, teater, muzyk) en net-talige kultuer (byldzjende keunst, skilderkeunst, klassike muzyk). Mar oeral sitte organisaasjes omhinne, de problematyk fan ekstra kosten foar meartaligens jildt oeral.

Frysk moat net de earste taal wurde yn de kultuer: ynfloeden fan bûten binne soms krekt hiel posityf. Wol moat der in positive hâlding foar it Frysk oer wêze en respekt foar Fryske kulturele identiteit. Bygelyks: de Fryske music night wurdt krekt oantreklik troch de net-Fryske artysten en is tagelyk in grutte befoarderding fan de taal.

Der is yn de media amper omtinken foar 'low culture' (lokale inisjativen), allinnich foar 'high culture'-inisjativen (bgl. Tryater). Kultuer wurket dan as middel foar statusferheging fan de taal: it oansjen fan it Frysk as taal wurdt better troch goede kwalitative produkten. It giet de goede kant op: it oanpart orizjineel Frysktalige stikken by *Tryater* is lêste jierren tanommen. Wy moatte lykwols de 'lege kultuer' net ferjitte, it plak fan it Frysk is dêr faak hiel

sterk.

Oanfalsplan: In beskaat % Frysk oplizze troch middel fan subsydzjebetingsten, is net goed. Jou artystyklieders de frijheid. Der moat in balâns fûn wurde tusken ferskillende talen. *Folle belangriker is dat der in klimaat is, dêr't keunst yn kreëarre wurdt*, net dat soks perfoarst yn it Frysk is. Mear minsken dy't kultuer skeppe, en as dat út en troch yn it Frysk bart, is dat prachtich.

De kulturele ynfrastruktuer yn Fryslân is smel, der is ferlet fan mear begelieding en stimulearring. Literêre tydskriften kinne in folle gruttere rol spylje foar de kultuer yn Fryslân, mar de ynvestearring is no minimaal. Profesjonele organisaasjes (bgl. Tryater) binne fan belang: se soargje foar fersprieding nei amateurs, dat is sûn. Mei it ferpleatsen fan it konservatoarium/Frysk Orkest is dat dêr ferdwûn. Dus: mear ryksjild krije nei regionale organisaasjes; de provinsje kin net alles betelje. Ek: sjen nei ferromming fan mooglikheden foar it Frysk by bygelyks it *Fonds voor de Letteren*.

Mar: kin in part fan de ynfrastrukturele jilden (kompensaasje Suderseelinge) net nei kultuer? Al is it mar 1%. De politike wil foar kultuer en it Frysk is grut, hat yn PS en it kolleezje nea grutter west. De nije kultuernota wol mear ta op losse projekten, net ta op mear jild foar ynstellings. Mear jild komt pas los as blykt dat it oars net mear kin.

Sutelaksje: net ophâlde litte, mar omfoarmje: oer it hiele jier ferspraat, yn kombinaasje mei skriuwers, toaniel, tentoanstellings, Praat mar Frysk, ensfh.; tawurkje op in kultuerkaravaan.

It *Fries Museum* moat yn it earste plak by de tiid wêze. In part eigen skiednis soe op himsels prima wêze (wol: profesjoneel), mar dêrneist moat it publyk lûke troch nijsgjirrige moderne tentoanstellings dêr't de Fryske keunstwrâld op meiliftsje kin.

Oare konkrete maatregels dy't wat opsmite kinne soene:

- alle ynweners fan Fryslân in staveringshifker/wurdboek, keppele oan programma's by *Omrop Fryslân*;
- in T9-funksje op de mobile telefoan (is technysk dreech te realisearjen);
- leare fan Frysk Festival: sykje lokale gearwurking, dat wie hjir in miste kâns wêrtroch't de minsken net kamen.

Konklúzje diskusje earste oere:

In goed trochtocht kultuerbelied, foar heech en leech, draacht de Fryske taal ek fierder. Frysk hoecht dan net earste taal te wêzen, mar spilet wol in rol: mikste kultuer.

Diskusje middeis (13.30 – 14.30 oere):

Nei oanlieding fan de 6 fragen fan de organisaasje:

a. Der bart al in hiele soad, ek mei it Frysk (sjoch earste oere).

b. Mooglikheden en kânsen lizze benammen yn bettere gearwurking fan de organisaasjes; it proses better ynrjochtsje. By letteren wurdt der in begjin makke mei dy diskusje: hoe kinne wy projekten mienskiplik better opsette en inoar fersterkje?

In gruttere rol foar de *Omrop*. Yn ferhâlding ta oare omroppen dogge se in soad oan kultuer. Mar fan in hiele soad inisjativen binne minsken dochs net op 'e hichte. Der soe noch in soad te winnen wêze op it mêd fan streekrjocht útstjoeren fan kultuer.

Yn it *Oanfalsplan* ûntbrekke moderne middels: ynternet, mobyl, sels televyzje, wylst dy sa wichtich binne foar de takomst fan de kultuer yn Fryslân.

c. en d. binne fierder net behannele.

e. Sjoch it antwurd by b. It klimaat hat nea sa geunstich west, ynstellings wolle graach gearwurkje en sykje inoar no ek faker op. Der is oerlis tusken partijen. Fraach is wol faak wa't de regy op him nimt by projekten, elts ferfalt ek gau wer yn eigen inisjativen.

f. Sa't it no omskreaun stiet, liket it in soart superministearje. Dat is ûnwinsklik. It leveret gjin kreativiteit, wol in soad burokrasy. De kultuersektor is der huverich foar: net dwaan. Sjoch punt e, it klimaat foar gearwurking is goed. Regyrol is in belangryk fraachteken, wa koördinearret? Mar dat freget net om in nij ynstiút, sa'n kultuerkaravaan soe prima koördinearre wurde kinne troch *It Fryske Boek*. De kwaliteit fan it produkt moat altyten foarop stean, dêrnei de fraach 'hoe krigest it by de minsken'? Gearwurking mei minsken op lokaal nivo is dêrby fan belang, brûk jins netwurk. De gearwurking moat út de besteande organisaasjes sels weikomme, in tal klups moat permanint oerlis fiere. Dêr is net in nij *Sintrum foar Fryske taal* foar nedich. En sa'n sintrum soe him

al hielendal net mei de ynhâld fan de kultuer bemuoie moatte.

Oare punten:

- Rol LC: de *F-side* is fuort, wurke ek net. De krante docht út himsels neat oan Frysk. Tematydskriften hawwe lang net it berik fan fan de LC. 'De Moanne' as 'maandelijks magazine' meistjoere mei de LC?
- Rol bibleteken: belangryk foar mienskip; dêr hawwe wy it net oer hân. Tige spitich dat op dizze stúdzjedei gjin fertsjintwurdigers fan 'e bibleteken yn Fryslân oanwêzich binne.
- Ympulsen foar jongerein. Brûke digitaal wol in soad Frysk, dat sit dan fol mei flaters, mar de grûnhâlding is posityf. Ek binne positive bewegings sichtber binnen saken as de foardrachtskriich of it Frysk oan de universiteit: in soad dielname, de jongerein is posityf oer it Frysk. Rol fan it ûnderwiis: de learlingen leare net om it Frysk mear te skriuwen. De trijetalige basisskoalle is prachtich, mar no it ferfolch: yn fuortset ûnderwiis giet in soad ferlern.

**2.6 Ekonomy:**

Gearfetting fan de diskusje op 29 oktober 2008

Ynlieding (troch Engbert Boneschanker)

De ynlieder giet út fan it ûndersteande konseptuele ramt:

Taal hat ynfloed op trije ekonomyske terreinen:

- de merk foar saken en produkten;
- de arbeidsmerk (personeel ensfh.);
- (de merk foar) ynvestearings-/lokaasjebesluten.

In opmerking dy't op alle boppesteande tereinen jildt: der is net in soad empirysk bewiis foar ynfloed fan de Fryske taal op de ekonomy.

Diskusje

Yn de diskusje binne der in tal foarbylden neamd dat it brûken fan it Frysk goed wurkje kin. Hjirûnder in stikmannich:

- Frysk as ûnderskiedend aspekt yn reklame (bygelyks: Sonnema of Friesland Bank, Hoekstra Suwâld)
- Frysk as kwaliteitskeurmerk (bygelyks Friesland Foods).
- Frysk as nochterheid, betrouber, mei ynweners dy't hurd wurkje.
- Fryslân stiet foar kulturele identiteit (oer de hiele wrâld). It is unyk. As toeristen út it bûtenlân ferwachtsje dat hjir Frysk brûkt wurdt en dat soks net it gefal is, dan is dat in teloarstelling. In trijetalich webstee fan bygelyks *Tresoar* betellet him dus wer werom, omdat dat oanslút by it ferwachtingspatroan fan minsken.
- In bedriuw dat in soad gebrûk makket fan it Frysk, sil miskien Nederlânsktalige klanten ferlieze, mar sil der miskien Fryske by krije. Sa kin jins swakte jins sterkte wêze.

Krityske fragen dy't dêrby steld wurde kinne:

- Draacht it boppesteande by oan de Fryske taal of is it allinnich nijs-gjirrich as marketingsynstrumint?
- Is it ek echt te mjitten dat it Frysk dêr omsetferheegjend wurket: empirysk bewiis?

In konklúzje dy't by dit diel fan de diskusje lutsen wurde kin, is: It Frysk wurdt allinnich brûkt as it in mearwearde hat foar bedriuwen.

In stikmannich blokkaden dy't neamd binne:

- de status fan it Frysk is leech;
- it opliedingsnivo fan minsken yn Fryslân; de brain drain, mar ek in soad heech oplate lju wurde bûten Fryslân wei helle;
- migraasje, it oantal Hollânsktalige minsken nimt ta

- minsken moatte yn earste ynstânsje goed wêze yn it wurk, taal is dêryn in minder wichtich aspekt;
- in bedriuw hat bygelyks ek allochtoane klanten, net allinnich Fryske;
- minsken yn hege funksjes binne faak Hollânsktalich;
- Friezen ferbrekke har gau;
- Friezen sels fine it net sa wichtich.

*Wat moat men sadwaande **net** dwaan om it Frysk yn it ekonomysk ferkear te fergrutsjen:*

- ferplichtsjende maatregels: taalbelied hat in negative útwurking as dat in soad ferplichtings opleit (ferl. Pellenbarg, 1994).

*Wat soene men **wol** dwaan kinne (kânsen):*

- subsydzje jaan. Mei subsydzje kin men wol jins ideële doelstelling berikke. Frysk taalbelied kin ek liede ta direkte wurkgelegenheid (presintaasje Engbert Boneschanker 2008);
- leare fan ûnderfinings fan oare ûndernimmers: de ûndernimmer as kaaifiguer;
- ynspylje op it bedriuwbelang fan in ûndernimmer;
- positive ympulsen jaan oan de taal yn Fryslân;
- minder regels: fersterkjen de ekonomy en nim de taal dêryn mei;
- sykje nei in ekonomyske en juridyske grûnslach;
- sykje nei mear slogans yn it Frysk, taalgrapkes, websteën twatalich ensfh. Dat kin net ferlike wurde mei it model yn Wales, want it Frysk ferskilt minder fan it Hollânsk as it Welsk fan it Ingelsk;
- Frysk yn it toerisme; minsken dielgenoat meitsje fan de twatalige sitewaasje;
- in goede toeristyske gids ûntwikkelje mei dêryn de eftergrûnen fan de Fryske taal en kultuer;
- in leechdrompelich skiednisboek oer Fryslân;
- mear gebrûk meitsje fan de Friezen om utens;
- in sintrum foar Fryske taal en kultuer soe in mooglikheid wêze, mar dan moat de polityk him der net te folle yn minge;
- ferlokke en ferliede. Frysk is emoasje, dat moat men derby belûke en derop ynspylje;
- it eigene (wat fertroud is foar minsken) oan it Frysk ferbine;
- it sichtber meitsjen fan it Frysk.

Fierder ûndersyk

1. Nei it effekt fan subsydzje op ekonomyske ûntwikkeling en op it gebrûk fan de taal.
2. In goede empiryske stúdzje oer wat de ynfloed fan taal is op de ekonomy.
3. Undersykje hokfoar middels oft helpe om de status fan it Frysk te ferheegjen.

Konklúzje(s)

Yn it foarste plak moat sein wurde dat in grut part fan de dielnimmers oan de wurkgroep ekonomy it net lykfine koe mei in part fan it *Oanfalsplan*. It oplizzen fan regels wurdt net sa gaadlik achte om de taal foarút te helpen. Der moat mear sjoen wurde nei hoe't men in positive ympuls jaan kin oan de taal yn Fryslân.

In twadde wichtich punt is dat der gjin aksje foar it Frysk komt as de bedriuwen dêr gjin belang by hawwe. Dat freget om it feroarjen fan de taalhâlding fan minsken, oftewol 'attitude feroaring'. As de konsumint it wichtich achtet dat bedriuwen it Frysk brûke, dan kin der ek echt wat feroarje (ekonomy past him oan by de klanten). In attitudeferoaring is breder as allinnich de ekonomyske sektor, it leit folle djipper. Attitude is wat oars as gedrach. Gedrach kin men nammentlik beleanje of bestraffe, mar as dat wei falt, falle minsken faak wer werom yn it âlde gedrach. By in attitudeferoaring giet it derom dat it belang fan it Frysk dúdlik wurdt en dat sil in strukturele feroaring teweibringe.

2.7 Soarch:

Gearfetting fan de diskusje op 29 oktober 2008

Ynlieding (W. Wijnja, âld-direkteur fan it Antoniussikehûs yn Snits)

Yn 'e soarch is in goede kommunikaasje essinsjeel fanwegen de aard fan it ûnderwerp fan petear. It giet oer de eigen sûnens fan de soarchfreger en dêrfandinne binne de petearen fakentiids emoasjefolle situaasjes. It taalgebrûk is dêrom in essinsjeel elemint yn it bieden fan soarch. It ferstean kinnen fan Frysktalige pasjinten is fierhinne akseptearre. Der is in sekere positive hâlding by soarchferlieners om in behanneling yn 'e taal fan de soarchfreger ferrinne te litten.

Wichtich oandachtsgebiet is de earste line yn 'e soarch: de húsdokter, de wykferpleging, it maatskiplik wurk, de logopedist. Soms is it yn it ramt fan it sykteferrin by afasy fan belang om ien taal te kiezen.

It *Europeesk Hânfêst* giet lykwols fierder en freget: "...om personen die [de Friese taal] gebruiken en die op grond van een slechte gezondheid, ouderdom of om andere redenen zorg behoeven, in hun eigen taal te ontvangen en te behandelen." Net alle wurkers yn 'e soarch wolle en/of kinne oan dy eask foldwaan. In beheinende faktor is harren bygelyks har oplieding: dêryn wurdt gebrûk makke fan it Hollânsk, it Ingelsk en it Latyn. Foar medysk spesjalisten – en dan benammen de net-Frysktalige – is it sadwaande lestiger om spontaan yn it Frysk te kommunisearjen.

Wijnja tinkt dat bebuording mei medyske termen yn it Frysk yn it sikehûs fanwegen it medysk jargon (foarbyld: urologie- urology) minder sinfol is. Wol is it wichtich dat men pasjinten in gefoel fan gastfrijens jout: 'Frysk is wolkom'.

Foar in kwalitatyf goede soarch soe net de opfetting fan de behannelder sintraal stean moatte, mar situaasje en identiteit fan de pasjint/kliïnt. It giet yn 'e soarch net om de fraach: "wat is reëel?", mar om "wat is nedich?", ek as it om taal giet.

2. De diskusje

a. De taalsituaasje

It besprek fan de wurksituaasje fan de saakkundigen jout it folgjende byld: Oer it generaal hawwe de soarchynstallings gjin (skriftlik) taalbelied: wol is der yn in guon gefallen in praktyk fan taalfolgjend gedrach. Yn sokke situaasjes wurdt de pasjint/kliïnt dan frege hokfoar taal oft de foarkar hat, mar behannelers hawwe eins nea de ferplichting om te soargjen dat se it Frysk op termyn yn harren wurk passyf en ek aktyf brûke. De behearsking fan it Frysk is yn 'e soarch fan hjoed-de-dei, as it der op oankomt, gjin essinsjeel elemint

fan de 'medyske of soarch-kwaliteit'. In foarbyld: fan in Poalske psychiater sil gjin Frysk frege wurde no't de merk foar dy funksje krap is. Problemen yn 'e soarch wurde belibbe en beskreaun yn termen fan jild en tiid. Oplossings sille lykwols net socht wurde moatte yn 'e kontekst fan problemen of plichten. Yn in inkeld gefal, sa as op It Bilt, is in taalkursus Biltsk ferplichte.

Neffens de dielnimmers binne de kommunikaasje-problemen yn 'e soarch reëel. De psychologyske problemen sitte tusken de earen fan de minsken en der is hiel wat foar nedich om taalbelied te ymplementearjen sa as no wer by de útfiering fan de WMO. De dielnimmers fernuverje harren oer it feit dat lanlik in tolkeregeling foar immigranten bestiet, wylst it dreech is om foar it Frysk eksplisyt belied op te nimmen.

De oanwêzigen binne fan betinken dat in passive behearsking fan it Frysk in pree is yn sollisitaasjesituasjes. Dat bestjut foar de opliedingsynstituten (ROC's *Friese Poort* en *Friesland College*) dat omtinken jûn wurde moat oan Fryske taal en kultuer as in kompetinsje dy't men jin eigen meitsje moat. Be-doeld is dan dy kennis, feardichheid en hâlding om as profesjonele wurkers kwalitatyf mei de soarchfraach omgean te kinnen. De soarchynstellings kinne dan pas makliker taalbelied ûntwikkelje en yn de organisaasje ynbêdzje. Gearwurking tusken soarch en oplieding is - as it om kwaliteit giet - in stap yn 'e goede rjochting.

Om oan te jaan dat de organisaasje gastfrij is, binne plakkers mei 'Frysk is wolkom' passend. Spitigernôch kinne pasjinten faak in Frysktalige folder net of min lêze.

Sertifisearring, sa as by de ynstellings foar pjutten, wurdt as posityf nei foaren helle. Probleem is of de top fan de organisaasje wol oertsjûge is fan it belang dêrfan foar de kwaliteitsfraach. De provinsje soe oerlis hawwe moatte mei de kaaifigueren yn dit beropsfjild om sa ta in lykwichtich en differinsjearre belied te kommen.

b. Ferlet

Yn de diskusje kamen de folgjende oanbefellings nei foaren:

- hâld petearen mei de soarchorganisaasjes oer it ûntwikkeljen fan (Frysk) taalbelied en de ymplementaasje dêrfan;

- ien en oar moat stipe wurde troch in pakket foarljochting;
- behearsking fan it Frysk as kompetinsje yn de oplieding;
- it ûntwikkeljen fan Frysk-freonlike ûndersyksynstruminten;
- meitsje ôffspraken yn de sfear fan (subsydzje)betingsten foar it Wolwêzen.
- it ynfieren fan sertifisearring yn it ramt fan de ynplemintaasje.

c. Undersyk

- yn taalûndersyk ek freegje nei de taalwinsken fan de pasjint /kliïnt.

Slotopmerking

Hoewol't de dielnimmers posityf foar it brûken fan it Frysk yn 'e soarch oer steane, is de spanning tusken besteande taalmachtsferhâldings en emansipaasje yn 'e diskusje goed merkber.



3 Yntervinsjes yn de domeinen

Hjirnei folgje de domeinen dy't op de stúdzjedei oan de oarder west hawwe. Wy beskriuwe yn de earste kolom de hjoeddeiske situaasje, dy fan 'no'. Yn de lêste kolom jouwe wy oan hoe't de takomst der mooglik út sjen kin. De middelste kolom is gjin letterlike werjefte fan de diskusjes fan de stúdzjedei, mar dêr wol op basearre. Hjir en dêr hawwe wy oanfolgings út it oarspronklike oanfalsplan opnommen. Wy binne derfan oertsjûge dat de praktyske saken dy't yn it middelste part neamd wurde, brûkber binne foar takomstich provinsjaal taalbelied.

3.1. Underwiis

It Frysk yn it ûnderwiis ia te ferlykjen mei it hin-aai-probleem. As de mienskip net freget om feardichheden yn it Frysk hat Frysk yn it ûnderwiis gjin hege prioriteit en omdat it ûnderwiis der net folle oandocht kin de mienskip amper easken stelle.

De situaasje fan no	Wat der dien wurde moat	Wêr't wy hinne wolle
<p>1. De fraach nei Frysk út de maatskippij is te lyts. Dêrom is de ynset fan it ûnderwiis ek lyts. Oer it algemien wolle de ynwenners fan Fryslân de Fryske taal en kultuer graach yn stân hâlde, mar der binne mar in lyts tal ree om har dêr ek goed foar yn te setten. Opfallend is bgl. dat de measte skoallen gjin Frysktalige hiemside of skoalkrante hawwe.</p> <p>2. Yn de foarskoalske perioade en yn it ûnderwiis wurdt yn de measte ynstellings/skoallen te min dien foar it Frysk.</p>	<p>1. Der sil in mentaliteitsomslach komme moatte yn de maatskippij en yn it ûnderwiis. Dêrom sille parallel yn de maatskippij en yn it ûnderwiis projekten opset wurde moatte dy't it brûken fan it Frysk ferbetterje en tanimme litte. De Provinsje sil dêryn prominint de foarstap nimme moatte. Yn de maatskippij sille dy projekten yn ferskillende domeinen tagelyk plakfine moatte. It brûken fan it Frysk (mûnling en skriftlik) sil dêrfan diel útmeitsje en fasilitearre wurde moatte.</p> <p>2. Yn it ûnderwiis sille ferskillende soarten projekten út ein sette moatte. Fasilitearring sil dêrby oer de hiele liny plakfine moatte. De mearwearde fan meartaligens sil folle mear klam krije moatte. Oer it generaal sil foar it Frysk ynstutsen wurde moatte op in trochgeande learline en it regulier en fanselsprekkend brûken fan it Frysk as fier-taal yn de lessen en as omgongstaal yn de kommunikaasje. Der kin folle mear as dat der no dien wurdt op de skoallen.</p> <p>2.1 Yn de <i>pjutteboartersplakken</i> en <i>bernesintra</i> sil yn hiel Fryslân oer de folsleine breedte neffens it model fan de <i>Stifting Frysktalige BerneOpfang</i> (SFBO) in goede basis lein wurde moatte foar de útfiering fan in meartalich taalbelied dat it learen fan it Frysk goed ta syn rjocht komme lit.</p> <p>2.2 Yn it <i>reguliere basis- en fuortset ûnderwiis</i> en <i>spesjaal (fuortset)</i></p>	<p>1. In situaasje dêr't sawol yn de maatskippij as yn it ûnderwiis it Frysk fanselsprekkend brûkt wurdt en út it taalgedrach fan de Friezen blykt dat se har prinsipeel ynsette foar de Fryske taal en kultuer. Frysk moat ûnderdiel wurde fan de mienskip, sadat skoallen net oars kinne. It better stal jaan oan it taalbelied is dêrfoar nedich.</p> <p>2. It Frysk is struktureel ynbêde yn de skoallen. Der wurde foldwaande lessoeren Frysk jûn en it brûken fan it Frysk as fier-/ynstruksje- en omgongstaal is normaal.</p> <p>2.1 Yn alle boartersplakken en bernesintra is de meartaligens wenst.</p> <p>2.2 De meartalige basiskoalle</p>

<p>3. Der is ûnfoldwaande fyzjeûntwikkeling rjochte op de langere termyn en fan de stjoering dêrhinne. Der ûntbrekt in breed útfierend orgaan.</p> <p>4. It Ryk en de Provinsje sjogge ferskillend oan</p>	<p><i>ûnderwiis</i> sille mei de skoallen ôfspraken makke wurde moatte oer it heljen fan doelen. Foar it basisûnderwiis stiet de trijetalige skoalle model. Kontrôle op it heljen fan fêstleine doelen is in betingst. De skoallen kinne ôfhinklik fan har situaasje ynstappe op in passend nivo. Dat jildt ek foar de learlingen op de skoallen sels. Wichtich is dat skoallen en learlingen sels in kar meitsje kinne.</p> <p>In betingst is dat der foldwaande jild beskikber steld wurdt. Skoallen bine har dêrtôch oan in resultaatferplichting. Leararen dy't it foech Frysk hawwe, sille lyk as dat yn it ferline ek dien waard, ekstra be-leanne wurde moatte. Der moat ûndersocht wurde oft der ek in oer de Provinsje dekkend netwurk fan skoallen foar fuortset ûnderwiis komme kin dy't mei Frysk in protte dogge.</p> <p>2.3 Sa gau mooglik in projekt starte mei op in tal skoallen in projekt meartalich fuortset ûnderwiis dêr't Frysk folweardich diel fan útmakket</p> <p>2.4 Yn it <i>Middelber Beropsûnderwiis</i> sille projekten dy't oanslute by de praktyk en de arbeidsmerk derfoar soargje moatte dat de studinten it Frysk leare te behearskjen. Gearwurking tusken de ROC's en it bedriuwslibben op it mêd fan de Fryske Taal en Kultuer sil dêr in betingst foar wêze. Projektmjittich kin op de ROC 's in line útstippele wurde om jin it Frysk hieltiten op in heger nivo eigen te meitsjen.</p> <p>2.5 Yn it <i>Heger Beropsûnderwiis</i> sil yn alle gefallen by de oplieding fan leararen foar it basisûnderwiis dúdlike easken steld wurde moatte oan it behearskjen fan it Frysk. Ek yn oare opliedings fan de Hegeskoallen sil stal jûn wurde moatte oan in learpakket foar it Frysk.</p> <p>3. It hiele ynnovaasje-proses sil stal jûn wurde moatte ûnder ferantwurdlikens fan in slachfeardich, ûnôfhinklik <i>Sintrum foar Fryske Taal en Kultuer</i> mei in rom budzjet lykas dat beskreaun is yn it <i>Oanfalsplan</i>. It Sintrum leveret foar alle domeinen in passende oanpak ('maatwerk'). De wurkwize fan de <i>Welsh Language Board</i> as skeakel tusken oerheid en boarger moat oernommen wurde as ûnderdiel fan de ynnovaasje.</p> <p>4. Yn it ramt fan de desintraalisaasje fan foech oangeande de Fryske</p>	<p>is yn Fryslân de normale skoalle wurden. Leararen dy't dêryn wurkje, wurde tige stimulearre om it foech Frysk te heljen.</p> <p>Mei sawol de skoallen foar basisûnderwiis as de skoallen foar fuortset ûnderwiis (regulier en spesjaal) wurde resultaatôfspraken makke.</p> <p>2.3 Yn it fuortset ûnderwiis hat it Frysk in substansjeel plak.</p> <p>2.4 Mei de ROC's wurde ôfspraken makke oer it oanbieden fan Frysk yn de opliedings en it realisearjen fan projekten yn gearwurking mei it bedriuwslibben.</p> <p>2.5 Leararen dy't oplaat wurde foar it basisûnderwiis, helje it foech Frysk. Oare opliedings yn it HBU biede ek opliedings Frysk oan.</p> <p>3. Der sil in ynnovaasjesintrum komme moatte. De taken dêrfan binne beskreaun yn it Oanfalsplan. U.o. fynt dêr fysjeûntwikkeling plak en is in taak it jaan fan ûndersteuning yn alle domeinen.</p> <p>4. It foech foar it Frysk leit by</p>
--	---	---

<p>tsjin it belied oangeande de Fryske taal en kultuer.</p> <p>5. Der is ûnfoldwaande wet- en regeljouwing foar it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer yn de ûnderskate ûnderwiisinstellings.</p>	<p>taal en kultuer moat de Provinsje (mei) op grûn fan it <i>Europeesk Hânfêst</i> en it <i>Ramtferdrach</i>) de ferantwurdlikens krije foar it meitsjen fan belied en it útfieren dêrfan. Mei as stringint betingst fan in romme finansiering troch it Ryk.</p> <p>5. Guon kâsten út it <i>Europeesk Hânfêst</i> (bgl. kâst 8: 1. a. ii; b. ii; c. ii; d. ii; e. ii; g) moatte omset wurde yn Nederlânske wet- en regeljouwing (bgl. kâst 9, lid 4 en lid 8 WPO) (sj. <i>Oanfalsplan</i>, s. 21-32, 67-82). Oeral wêr't it Hollânsk in ferplichte eksamenfak is foar de learlingen, moat it Frysk dat yn Fryslân ek wurde (lykweardigens en lykberjochting). It Frysk sil dus ek in ferplichte eksamenfak wurde moatte foar de learlingen yn it fuortset ûnderwiis.</p>	<p>de Provinsje mei in foldwaande finansiering.</p> <p>5. De wet- en regeljouwing is oanpast. It Frysk is in ferplichte eksamenfak foar de learlingen as dat foar it Hollânsk ('Nederlands') ek it gefal is.</p>
--	--	--

3.2 Rjocht

Situaasje no	Wat der dien wurde moat	Wêr't wy hinne wolle
<p>1. Yn teory liket de posysje fan it Frysk aardich goed, mar yn de praktyk wurdt it Frysk amper brûkt. Minsken tinke faak dat it Frysk harren saak net goed docht yn it rjocht. De rjochtbank hat noch in strang en offisjeel (Hollânsk) foarkommen. Der binne yn Fryslân in soad Frysktalige notarissen, mar by de rjochtbank binne der 'jobhoppers'.</p> <p>2. In soad (foar)oerlis fynt plak yn it Frysk, mar by de sitting sels geane de minsken foar it grutste part oer op it Hollânsk.</p> <p>3. In Frysktalige sitting is dreech, want dan moatte alle partijen it Frysk goed behearskje, wêrûnder de griffier. It oantrunen fan minsken (top-down) troch bygelyks yn it Frysk te begjinnen, wurket net altiten.</p> <p>4. Yn it notariaat is it dreech om in Fryske akte op</p>	<p>1. Rjochters sille Frysk prate moatte om de minsken fiele te litten dat soks wol kin. Dat betsjut dat plysjes, abbekaten, rjochters, offisieren fan justysje, notarissen en finzenispersoneel ensfh. it Frysk mûnling en skriftlik behearskje. It is foar Fryslân in funksje- en beneamingseask.</p> <p>2. De boade kin in wichtige rol spylje. Foar de boade en baly-meiwurkers soe twataligens in beneamingseask wêze moatte. Minsken moatte foar't sy yn de rjochtseal komme, al in kar makke hawwe hokfoar taal oft sy prate sille. In 'split-second'-beslút pakt altiten min út foar it Frysk. It televyzjeskerm mei de sittingstiden soe twatalich makke wurde moatte. Foarljochting en parsekontakt sille yn it Frysk ferrinne moatte. Der soe in poster fan de 'Praat mar Frysk'-kampanje oer de rjochtbank makke wurde moatte.</p> <p>3. Nije wurknimmers soene ferplichte in kursus Frysk folgje moatte. Mear lean as men Frysk kin, sil helpe. As de kursus Frysk fergees oanbean wurdt, dan kinne advokaten der wol in kommersjeel foardiel mei helje.</p> <p>4. Frysktalige akten guodkeaper meitsje as Nederlânsktalige akten mei</p>	<p>1. It Frysk hat in folweardich plak yn strafjochterlike of sivile prosedueres en alles wat mei dy sektor te krijen hat.</p> <p>2. Men wurdt yn earsten yn it Frysk oansprutsen yn de rjochtbank.</p> <p>3. Frysktaligen ferbrekke har net yn de rjochtbank. De skoallen en universiteiten dy't minsken foar de rjochtbank opliede, meitsje dat mooglik.</p> <p>4. De notaris freget (rûti-</p>

<p>te stellen en foar in soad minsken is it taalgebrûk (frjemde wurden) te dreech. Derneist binne der oersettingskosten om't de akte ek yn it Nederlânsk wêze moat.</p> <p>5. Der is gjin beliedsplan of gedrachskoade.</p>	<p>stipe út de Provinsje Fryslân wei.</p> <p>5. In beliedsplan mei konkrete doelen foar de rjochtbank is nedich. In bottom-up-oanpak lykas fan de <i>Welsh Language Board</i> kin goed wurkje.</p>	<p>nemjittich) oft de akte yn it Frysk of Hollânsk moat.</p> <p>5. Der is in taalgedrachskoade foar de ûnderskate situaasjes.</p>
<h3>3.3 Bestjoer</h3>		
<p>Situaasje no</p>	<p>Wat der dien wurde moat</p>	<p>Wêr't wy hinne wolle</p>
<p>1. It Frysk is yn de Nederlânske polityk in 'minor issue'. De oare rykstaal ûntjout him wol stikje by bytsje, mar it moat fierwei komme. Wol kin der praat wurde fan in omkear yn it natuerlike proses fan it Frysk. Twintich jier lyn waard men as bestjoerder fanatyk neamd as men yn it iepenbier Frysk prate, no wurdt men krekt as in apart gefal sjoen as men as bestjoerder mei Frysk as memmetaal of twadde taal net yn it iepenbier Frysk praat.</p> <p>2. De posysje fan de Fryske taal stiet faai as it om <i>yntegraal</i> belied giet. It Frysk hat gjin natuerlike lykwaardige posysje. Der binne lykwols genôch moaie beliedsplannen mei goedbedoelde yntinsjes. Faak leit de oast yn de organisaasje sels. Dat wurdt ek wol it '<i>mystearje fan de beliedsplannen</i>' neamd. By beliedsbepalings foar de Fryske taal spylje <i>emosjonele</i> faktoaren in grutte rol. Dêrom kriget taalbelied faak in heech striidnivo en keallet it swier om it Frysk gewoan te hâlden.</p> <p>3. By it stellen fan funksje-easken oan aktive be hearsking fan it Frysk binne bestjoerders gau (te) benaud om kwalitatyf goede minsken út te sluten.</p>	<p>1. In trochgeande ûntjouwing foar de Fryske taal kin allinnich troch in konsintrearre en mienskiplike aksje fan provinsje en de Fryske gemeenten. Yntern moat der in omslach yn tinken groeie. It is better as in net-Frysktalige bestjoerder foarsjennings <i>ynpasse</i> wol foar de Fryske taal. Dat sil makliker slagje en it is it polityk better te ferkeapjen as dat in selde beslút troch in Frysktalige bestjoerder inisjearre wurdt. In Frysk(sinnig)e bestjoerder hat gau te krijen mei foaroardielen.</p> <p>2. De minsken sille in yntrinske motivaasje krije moatte en de mearwearde fan it Frysk leare te sjen. In strategy om minsken út te daagjen en te ferlieden past dêrby. Fleurich hâlde en ek yn petear gean mei net-Friezen; it biedwurd wurdt: 'Jo hawwe net yn Fryslân west as jo gjin Frysk heard hawwe'. Dêrom is it brûken fan it Frysk in goede taktyk om minsken fan bûten yn jins eigen taal wolkom te hjitten. Dêrby soene oansprekkende figueren brûkt wurde moatte. Net tefolle op rjochten en plichten hammerje.</p> <p>3. Oerheden moatte safolle as mooglik is regelings treffe om har meiwurkers te fasilitearjen en te motivearjen harren it Frysk eigen te meitsjen (bgl. it jaan fan in gratifikaasje by it heljen fan kursussen Frysk, it jaan fan kursussen Frysk ûnder wurktiid, in jierlikse priis</p>	<p>1. It Frysk is de earste taal fan de provinsje, gemeenten en dekonsintrearre rykstsjusten. Alle mûnlige en skriftlike ferkear is yn prinsipe yn it Frysk. It publisearjen fan nijs en offisjele dokuminten troch eltse oerheid bart in it Frysk. Der is in taalgedrachskoade foar de ûnderskate situaasjes.</p> <p>2. It Frysk is yn it kontakt mei de oerheid like gewoan wurden sa as dat no mei it Hollânsk it gefal is.</p> <p>3. De is in goede wer- en byskoalling foar de taaloplieding fan amtners en politisy dy't al yn funksje binne. Behearsking</p>

	<p>útrikke oan in amtner dy't it posityfst mei it Frysk dwaande is). Mar men soe ek hurd wêze moatte by it stellen fan beneamings- en funksje-easken, al soe der wol ûnderskied makke wurde moatte tusken 'frontoffice'- en 'backoffice'-funksjes. Der sil in in tafersjochramt en hanthaveningsbelied ûntwikkele wurde moatte. Dat is it grutte brekme fan it Fryske-taalbelied. De provinsje Fryslân en de takomstige nije gemeente Súdwesthoeke soene in eksperimint op priemmen sette moatte foar in mienskiplike nije fyzje en in dúdlik taalbelied; in soarte fan bestjoersôfspraak tusken provinsje en gemeente.</p>	<p>fan it Frysk is foar Fryslân in funksje- en beneamingseask.</p>
<h3>3.4 Media</h3>		
Situasje no	Wat der dien wurde moat	Wêr't wy hinne wolle
<p>1. Yn de beide Fryske deiblêden is it persintaazje Frysk minym. Hjir en dêr in stikje en wat sitaten, dêr is it mei dien. Oarsaak: de measte Friezen kinne net sa goed Frysk lêze en wolle dêrom net te folle Frysk yn 'e krante.</p> <p>2. Frysk wurdt by omroppen en kranten foar it grutste part allinnich brûkt foar lokaal en regionaal nijs en folkloare. Der is no gjin stjoerder yn it Frysk mei in alsidich programma. <i>Omrop Fryslân</i> beheint him allinnich ta regionaal nijs.</p> <p>3. Der is in geregelde stream fan alle soarten fan literatuer, ek op it ynternet. Omdat gâns Frysktaligen net flot Frysk lêze kinne, wurde Fryske boeken mar troch in lyts part fan de ynweners fan Fryslân lêzen.</p> <p>4. Op ynternet wurdt gâns Frysk skreaun. It liket derop dat der op it ynternet minder behinderingsfield wurde om Frysk te skriuwen; minsken lykje minder lêst te hawwen fan faaleangst (foar 't neist omdat se it gefoel hawwe dat it dêr minder op oankomt).</p>	<p>1. De ynweners fan Fryslân sille like flot Frysk as Hollânsk lêze kinne moatte. Dat is yn earsten in taak fan de skoallen. Der moat boppedat oeral om jin hinne genôch Frysk te sjen en te lêzen wêze. En yn de kranten ek oer mêden dy't net spesifyk mei Fryslân en it Frysk te krijen hawwe. In Frysktalich wykblêd soe ek in opsje wêze moatte.</p> <p>2 Ynweners fan Fryslân moatte mear feardigens yn it Frysk lêzen krije. <i>Omrop Fryslân</i> soe in lanlike stjoerder wurde moatte mei in alsidige programmearring (sjoch ek punt 5).</p> <p>3. Der moat genôch ferskaat oan teksten oanbean wurde. De lêzersrûnte soe fergrutte wurde moatte troch de lêsefeardigens fan de Friezen flink te ferbetterjen.</p> <p>4. Der moat help/stipe bean wurde by it meitsjen fan Fryske hiemside. Der is ferlet fan in <i>Frysk taalsintrum</i> dêr't men teksten fergees oersetse litte kin.</p>	<p>1. Der stiet likefolle Frysk as Hollânsk yn de kranten. Dat wurdt stadichoan opboud troch te begjinnen mei alle dagen twa siden Frysk. Der is (ek) in Frysktalich wykblêd.</p> <p>2. Der is in nasjonale Frysktalige radio- en tv-stjoerder. It Frysk wurdt ek brûkt foar alle wrâldsaken en wrâldnijs.</p> <p>3. Der is in grut ferskaat oan Fryske teksten en boeken. It persintaazje Friezen dat flot Frysk lêze kin, komt dat fan it Hollânsk benei.</p> <p>4. Ferienings yn Fryslân kieze folle faker foar it Frysk op harren hiemside. Alle Frysktaligen dy't tsjetje, dogge dat yn it Frysk mei-inoar.</p>

<p>5. <i>Omrop Fryslân</i> stjoert de hiele wike syn programma's yn it Frysk út foar alle âldensgroepen. Foar bern is der no noch fierstente min yn it Frysk of yn de eigen streektaal op de stjoerders.</p> <p>6. De lokale stjoerders hawwe oer it generaal gjin bewust (en fêstlein) taalbelied. Guon binne hast hielendal Hollânsktalich. Gefolch is dat der net folle Frysk brûkt wurdt.</p> <p>7. Der stiet net folle Frysk yn doarpskranten en tsjerkeblêden, omdat de minsken it Frysk skriftlik net of amper yn 'e macht hawwe.</p> <p>8. Der wurdt yn de reklame amper Frysk brûkt.</p> <p>9. Frysktaligen litte út harren hâlden en dragen te min blike dat se wiis binne mei (mear) Fysk yn de media. Se ferbrekke har te gau.</p> <p>10. Der is ferlet fan benammen jonge sjoernalisten dy't it Frysk foldwaande behearskje.</p>	<p>5. <i>Omrop Fryslân</i> soe neffens de wurkgroep de kâns krije moatte om út te groeien ta folweardige nasjonale stjoerder. Der sil genôch jild komme moatte foar foldwaande ferskaat yn berneprogramma's. Dat soene neisyngronisearre programma's wêze kinne.</p> <p>6. Der moat mear debat komme oer it brûken fan it Frysk yn lokale kranten en op lokale stjoerders. In <i>Frysk Taalsintrum</i> kin dêrby helpe en stypje. Provinsje en gemeenten kinne troch it stypjen mei jild de stjoerders ferplichtsje/ferliede ta in Fryskfreonlike taalsituaasje.</p> <p>7. Better ûnderwiis yn it Frysk skriuwen (sjoch ek by it domein 'ûnderwiis'). Fergeze staverings- en taalkursussen foar redaksjes fan doarpskranten en tsjerkeblêdsjes binne ek tige fan belang. Yn in <i>Frysk Taalsintrum</i> soe men boppedat teksten gratis oersetse litte kinne moatte (opm.: de <i>Ried fan de Fryske Beweging</i> is al dwaande mei it oprjochtsjen fan in netwurk fan taalhúskes (frijwilligers) oer de hiele provinsje (ticht by hûs)).</p> <p>8. De reklamemakkers moatte holpen wurde by it meitsjen fan Fryske reklame. Se moatte finasjeel yn 'e mjitte kommen wurde as se yn it Frysk reklame meitsje. In <i>Frysk Taalsintrum</i> soe bemiddelje en helpe kinne.</p> <p>9. In bliuwende (duorsume) gedrachsferoaring freget om in wiziging fan de <i>situaasje</i> dêr't dat gedrach yn plakfynt om de feroare opfettings en it taalgedrach te stypjen. De taalsituaasje fan de Friezen moat sosjaal-ekonomysk fan belang wurde. Beneamings- en funksje-easken drage dêr tige ta by (sj. ek <i>Oanfalsplan</i>, s. 60, 62).</p> <p>10. Yn de sjoernaliste-oplieding(s) moat it Frysk goed en geef oanleard wurde.</p>	<p>5. De Friezen hawwe folweardige en alsidige radio en tillefyzje yn de eigen taal. Minsken fine it gewoan dat der op radio en tillefyzje Frysk praten wurdt. De Fryske bern kinne kieze foar foldwaande programma's yn har eigen taal.</p> <p>6. Alle lokale en regionale stjoerders hawwe in Fryskfreonlik taalbelied ûntwikkele en beskreaun yn har belieds- en takomstplannen. It Frysk wurdt folweardich brûkt.</p> <p>7. Der stiet likefolle Frysk as Hollânsk yn doarpskranten en tsjerkeblêden.</p> <p>8. De reklame is like faak yn it Frysk as yn it Hollânsk.</p> <p>9. Frysktaligen ferbrekke har net as dat net needsaaklik (by passive kennis fan it Frysk by de oar) is. Yn de subsidiearre media-sektor is aktive behear-sking fan it Frysk in funksje-eask.</p> <p>10. Der binne foldwaande Frysktalige sjoernalisten dy't it Frysk mûnling en skriftlik op</p>
---	--	---

		in goed nivo yn 'e macht hawwe.
3.5 Kultuer		
Situaasje no	Wat der dien wurde moat	Wêr't wy hinne wolle
<p>1. De kulturele ynfrastuktuer is te smel.</p> <p>2. Yn de media is te min omtinken foar lokale inisjativen op it mêd fan de saneamde 'legere kultuer', dy't dochs faak fan in goed nivo binne en ek it Frysk befoarderje. Der is navenant tefolle omtinken foar aktiviteiten op it mêd fan de saneamde 'hegere' kultuer (lykas dy fan <i>Tryater</i>).</p> <p>3. De behearsking fan it Frysk yn dizze sektor lit noch te winskjen oer. De measte ynstellings hawwe gjin taalgedrachskoade. It <i>Frysk Museum</i> docht te min oan <i>Fryske</i> skiednis en it sichtber meitsjen fan it Frysk.</p> <p>4. Der wurdt te min ynfestearre yn literêre tydskriften en de fersprieding is te lyts.</p>	<p>1a. Der is ferlet fan begelieding en stimulearring. De gearwurking yn it kultuerdomein moat fersterke wurde. Der moat in <i>Sintrum</i> komme mei in regyfunksje dy't foar in bettere gearwurking soarget.</p> <p>2a. Profesjonele organisaasjes as <i>Tryater</i> binne wichtich foar fersprieding nei de amateursektor. Dat moat stimulearre wurde. It omtinken fan de polityk foar uterings fan 'legere' kultuer moat grutter wurde, omdat dy wichtich binne foar it brûken fan it Frysk.</p> <p>2b. Yn dat ramt moat <i>Omrop Fryslân</i> (tillevyzje) ek in gruttere rol krije om ynweners te ynformearjen oer inisjativen op dat mêd en troch it streekrjocht útstjoeren fan dy kulturele uterings om sa it Frysk mear sichtber te meitsjen.</p> <p>Kêst 12 (1, a-h) fan it <i>Europeesk Hânfêst</i> oangeande it stimulearjen fan en weinimmen fan behinderings foar de emansipaasje fan de Fryske kultuer soe folslein útfierd wurde moatte.</p> <p>2c. De jierlikse sutelaksje soe omfoarme wurde moatte ta in 'kultuerkaravaan', in trochgeande aksje, yn gearwurking mei skriuwers en toaniellju.</p> <p>3. Foar kulturele ûntjouwing is benammen romte (frijheid) nedich foar kreativiteit. Respekt foar Fryske kulturele identiteit en in positive hâlding foar it Frysk oer is needsaaklik.</p> <p>It Frysk Museum soe troch de polityk stimulearre wurde moatte om mear omtinken te jaan oan aktiviteiten op it stik fan de Fryske skiednis en oan nijsgjirrige moderne útstallings, dêr't de keunstwrâld op meiliftsje kin. It <i>Noordelijk Filmfestival</i> en de <i>Music Night</i> moatte stipe wurde om harren taalbefoarderjend karakter.</p> <p>4. Der moat mear ynvestearre wurde yn literêre tydskriften en dy moatte in gruttere fersprieding krije. In tydskrift as 'De Moanne' soe meistjoerd wurde kinne/moatte as magazine fan de LC en it FD.</p>	<p>1. Der is in <i>Sintrum</i> mei in regyfunksje dy't soarget foar in bettere gearwurking.</p> <p>2a. Profesjonele organisaasjes hawwe en hâlde in stimulearjende ynfloed op de amateursektor.</p> <p>2b. <i>Omrop Fryslân</i> is útboud ta in nasjonale stjoerder foar it Frysk as twadde rykstaal mei in brede ynformative en kulturele programmearring, de Fryske yn it bysûnder.</p> <p>2c. De 'legere' Fryske kultuer is folle mear sichtber op it skerm.</p> <p>3. Meiwurkers yn de subsidearre kultuersektor brûke it Frysk mûnling en skriftlik struktureel op in folweardige wize (is in subsydzjebetingst). Alle ynstellings hawwe in taalgedrachskoade. It Frysk is tige te sjen en te hearren yn de kulturele ynstellings.</p> <p>4. In breed publyk lêst (literêre) tydskriften yn it Frysk.</p>

<p>5. De jongerein liket digitaal al aardich wat Frysk te brûken, ek al binne der noch gjin krekte sifers. De kwaliteit fan dat Frysk is ornaris min, omdat (fuortset) ûnderwiis harren gjin goede skriuwfear-digens yn it Frysk leard hat.</p>	<p>5. Foar in Frysktalige ûntjouwing yn de kulturele sektor moat yn it fuortset ûnderwiis de skriuwfeardigens yn it Frysk folle grutter wurde. Yn de sektor sels wurde oan folwoeksenen fergeze kursussen oanbean om dat probleem op te lossen; in passive en aktive behearsking fan it Frysk is needsaaklik foar dizze sektor.</p>	<p>5. It Frysk wurdt mûnling en skriftlik folweardich brûkt yn de sektor kultuer.</p>
<h3>3.6 Ekonomy</h3>		
<p>Situaasje no</p>	<p>Wat der dien wurde moat</p>	<p>Wêr't wy hinne wolle</p>
<p>1. It Frysk ferkeart op ekonomysk mêd yn Fryslân <i>wetlike</i> yn in oan it Hollânsk (tige) ûndergeskikte posysje.</p> <p>2. Der binne foar it Frysk gjin <i>ferplichtsjende</i> maatregels op ekonomyske mêd.</p> <p>3. Der is noch amper sprake fan in (effektive) <i>subsydzjepolityk</i> foar it ekonomyske domein.</p> <p>4. Der is noch amper sprake fan (systematyske en strukturele) <i>útwikseling fan ûnderfinings</i> mei <i>ûndernimmers</i> as kaaifiguer.</p> <p>5. It tal Frysktalige- en meartalige webstekken mei Frysk is lyts yn it <i>bedriuwslibben</i>.</p>	<p>1. Wetlike beheiningen wurde opspeurd en opromme. Der moat bgl. <i>taalwetjouwing</i> komme:</p> <p>(a) foar call-sintra dy't wurkje foar ynstellings yn Fryslân: meiwurkers moatte Frysk <i>prate</i> kinne;</p> <p>(b) om it Frysk op etiketten, ynformaasjemateriaal, bysluters, ynstruksjefolders en ynstruksjeboekjes fan en by (yndustriële en agraryske) <i>produkten</i> dy't yn Fryslân makke wurde, in folweardiger plak te jaan en</p> <p>(c) om alderlei <i>banksaken</i> ek yn it Frysk dwaan te kinnen (dûbeltalige formulieren, pinautomaten, ensfh.).</p> <p>2. It tal ferplichtsjende maatregels foar it Frysk moat ridlik wêze om it it bedriuwslibben net te dreech te meitsjen. Undertekening en ratifisearing fan kêst 13, 2, a fan it <i>Hânfêst</i> (bankwêzen: betelopdrachten en oare finansjele dokuminten).</p> <p>3. Der moat in (effektive) <i>subsydzjepolityk</i> ûntwikkele wurde. U.o. in finansjele <i>stiperegeling</i>:</p> <p>(a) foar it Frysk yn de <i>iepenbiere romte</i> (bgl. hússtyl, paadwizers, buorden, bedriuwspresintaasjes, ferpakkings en reklameboadskippen)</p> <p>(b) foar it brûken fan it Frysk by en op <i>yndustriële einprodukten</i>.</p> <p>4. Utwikseling fan ûnderfinings mei de ûndernimmer as kaaifiguer moat struktureel wurde.</p> <p>5. It konstruearjen fan Frysk- en meartalige webstekken (ynkl. Frysk) yn it bedriuwslibben wurdt troch de oerheid stimulearre en fasilitearre.</p>	<p>1. It Frysk hat op ekonomysk mêd likernôch likense wetlike rjochten en plichten as it Hollânsk.</p> <p>2. Der binne in ridlik tal ferplichtsjende maatregels nommen foar it Frysk.</p> <p>3. Der is in effektive subsydzjepolityk foar û.o. it Frysk yn de iepenbiere romte en op yndustriële einprodukten.</p> <p>4. Der is foldwaande strukturele en systematyske útwikseling fan ûnderfinings mei kaaifigueren</p> <p>5. Op syn minst de helte fan de webstekken yn yndustrieel Fryslân binne twa- of meartalich.</p>

<p>6. It brûken fan it Frysk yn en by it <i>toerisme</i> draacht in beskieden karakter.</p> <p>7. In ienfâldich <i>skiednisboekje</i> en <i>toeristysk gidske</i> oer de eftergrûnen fan de Fryske taal en kultuer ûntbrekt.</p> <p>8. Der is noch gjin sintrale ynstelling dy't advisearret, ynformearret, koördinearret, stipe en praktyske help ferlient, belied en materiaal ûntwikket, projekten betinkt en begeliedt op ekonomysk en toeristysk mêd.</p> <p>9. It tal biedwurden en taalgrapkes op it mêd fan it Fryske eigene is beheind.</p> <p>10. Der is net of amper <i>ûndersyk</i> dien nei: a. it effekt fan subsydze op it brûken fan it Frysk; b. de ynfloed fan taal op de ekonomy; c. it fersterkjen fan de ekonomyske en juridyske <i>grûnslaggen</i> fan it Frysk dy't liede ta it ferheegjen fan de status en it fergrutsjen fan de taalmacht fan it Frysk.</p>	<p>6. It brûken fan it Frysk yn en by it toerisme wurdt tige stimulearre en faslitarre troch de oerheid.</p> <p>7. Der wurdt in ienfâldich skiednisboek(je) oer Fryslân en in toeristysk gidske oer eftergrûnen fan de Fryske taal en kultuer makke.</p> <p>8. Der komt in <i>Sintrum foar de Fryske Taal en Kultuer</i> om dy taken (lofts) op him te nimmen en <i>praktyske</i> help te bieden oan <i>bedriuwen</i> by it: (a) skriuwen fan <i>taalbeliedsplannen</i>; (b) <i>oersetten/fertalen</i> yn it Frysk (dat moat guodkeap wêze); (c) <i>kreatyf meitinken</i> oan reklamekampanjes.</p> <p>9. Der moatte mear slogans en taalgrapkes komme dy't it Frysk-eigene en fertroude oan de Fryske taal bine (taal is emoasje).</p> <p>10. Der wurdt <i>ûndersyk</i> dien op de (lofts) neamde mêden.</p>	<p>6. It Frysk hat oeral oeral in folweardich plak yn en by it toerisme.</p> <p>7. Der binne ienfâldige skiednisboekjes de Fryske skiednis en gidskes oer de eftergrûnen fan de Fryske taal en kultuer.</p> <p>8 Der is in <i>Sintrum</i> dy't de taken (lofts) útfiert of útfiere lit.</p> <p>9. Der wurde foldwaande slogans en taalgrapkes brûkt dy't dy ferbining lizze.</p> <p>10. Der wurdt en is <i>ûndersyk</i> dien op de (lofts) neamde gebieten om û.o. it taalbelied better (mei) te ûnderbouwen.</p>
--	---	---

3.7 Soarch Biedwurd: *Yn in kromwoeksen realiteit stiet net de fraach sintraal "Wat is reël?", mar "Wat is nedich?"*

Situaasje no	Wat der dien wurde moat	Wêr't wy hinne wolle
<p>1a. It brûken fan it Frysk is fierhinne in fakultative saak en tige ôfhinklik fan de drystens fan de klient/pasjint en/of de opstelling fan de behannelder.</p>	<p>1a. De provinsje nimt de foarstap om mei kaaifigueren út 'e soarch de ynstellings oan te trúnjen ta it formulearjen en dêrnei ynplemintearjen fan in lykwichtich taalbelied.</p>	<p>1a. Yn de kommunikaasje wurdt it Frysk as fanselsprekend brûkt troch de kliïnt. Behearsking fan it Frysk is in funksje-eask en net-Frysktalige meiwurkers krije in ferplichte kursus ûnder wurktiid. De passive behearsking fan</p>

<p>1b. De ynstellings hawwe op in inkelde nei gjin pro-aktyf taalbelied: Op syn bêst wurdt de pasjint frege hokfoar taal oft er (it leafste) brûke wol. Spesjalisten krije somtiden in net-ferplichte kursus Frysk oanbean.</p> <p>2. Passive en benammen aktive behearsking fan it Frysk foar wurkers yn de soarch wurdt net neis-tribbe, omdat dy feardigens op ynstitútsnivo net sjoen wurdt as in elemint fan medyske kwaliteit en goede kommunikaasje.</p> <p>3. By in krappe arbeidsmerk wurdt it stellen fan taaleasken op it stik fan it Frysk foar in goede kommunikaasje yn 'e soarch by de measte ynstellings as in lúkse sjoen.</p>	<p>1b. Fisualisearring fan it Frysk ('Frysk is wolkom'/'Praat mar Frysk') is in middel ta it útnoegjen fan de kliïnt/pasjint om Frysk te praten. De provinsjale polityk soe ek de <i>Feriening fan Fryske Gemeenten</i> (VFG) freegje moatte om it sichtber meitsjen fan it Frysk te befoarderjen.</p> <p>1c. De provinsje set in systeem op fan foarljochting en sertifisearring (sa as ek by it foarskoalsk ûnderwiis) om ynstellings te stimulearjen it Frysk as lykberjochtige taal yn te fieren.</p> <p>2a. De provinsje stiet der by de opliedingsynstituten op oan om behearsking fan it Frysk as in winsklike kompetinsje yn it programma op te nimmen.</p> <p>2b. De provinsje stelt subsydzjebetingsten oan ynstellings yn wolwêzen en soarch as it giet om de behearsking fan it Frysk.</p> <p>3. Undersyk nei it winsklike taalgebrûk yn it Frysk en it ûntwikkeljen fan materiaal en ûndersyksynstruminten yn it Fryske wurde op gong brocht.</p>	<p>Frysk (it lêze en skriuwe kinne) is de ûndergrins foar in (fêste) beneaming.</p> <p>1b. It Frysk is tige sichtber yn ynstellings foar soarch- en wolwêzen.</p> <p>1c. It belied giet út fan lykweardigens en lykberjochting, benammen yn de relaasje tusken de behannelder en de kliïnt/pasjint.</p> <p>2a. Behearsking fan it Frysk is yn de oplieding in yntegraal elemint foar goede kommunikaasje en medyske kwaliteit.</p> <p>2b. Yn gefal fan subsydzjereelasjes is de lykweardige status fan it Frysk yn de ynstelling in wichtich subsydzjebetingst.</p> <p>3. Der is foldwaande Frysktalich gebrûksmateriaal ûntwikkele der binne genôch ûndersyksynstruminten beskikber.</p>
---	--	---

3.8 Sintrum foar Fryske Taal en Kultuer

De synerzjy as útgongspunt

Frysk wurdt yn de maatskippij yn Fryslân posityf wurdearre, mar in grut part fan de minsken komt net op foar it Frysk. In nij op te rjochtsjen ‘*Sintrum*’ soe as taak hawwe moatte om dy gedrachsferoaring (mei) ta stân te bringen. Dat ‘*Sintrum*’ docht dat troch de Friezen te konfrontearjen mei in breed skala oan mooglikheden om it Frysk te brûken om sadwaande de de minsken te aktivearjen om dat gedrachspatroan ter feroarjen. Om dat foarinoar te krijen, is in oanpak yn alle domeinen tagelyk nedich, benammen rjochte op feroaring fan de *situaasje* fan minsken dêr’t dat gedrach yn plakfine moat. Al dy aktiviteiten sille in relaasje ta inoar hawwe moatte. Foar in goede ôfstimming soe in *Frysk Sintrum foar Fryske Taal en Kultuer*, op ûnderdielen ferlykber mei de *Welsh Language Board*, foarme wurde moatte. Dat ‘*Sintrum*’ kriget in eigen rjochtspersoan, soarget foar synerzjy, is fasilitearjend en ûnburokratysk.

Situaasje no	Wat der dien wurde moat	Wêr wy hinne wolle
<p>1. Op dit stuit is der yn Fryslân <i>net</i> in ynstânsje dy’t de folsleine soarch foar it Frysk op ’e noed hat, wylst yn oare minderheidstaalgebieten dat wol it gefal is en fertuten docht.</p>	<p>Fanwegen de positive ynfloed fan dy sintra is it fan grut belang dat ek yn Fryslân sa’n <i>sintrum</i> yn it libben roppen wurde sil mei as taken:</p> <ol style="list-style-type: none"> 1. ûntwikkeljen fan in fyzje dy’t rjochting jout oan in taalbelied op langere termyn en oanjout hokfoar belied oft dêrfoar nedich is; 2. it fersoargjen fan taalbeliedsadvisearring oan de Provinsje, gemeenten, bestjoeren, ynstellings, bedriuwen, ensfh.; 3. it oanlûken fan de saakkundigen foar pr en foarljochting en it aktivearjen fan aktiviteiten op dy mêden; 4. it oanlûken fan saakkundigen en út ein te setten mei projekten dy’t it brûken fan it Frysk yn alle rûnten yn Fryslân regulearje, û.o. foar it ta stân bringen fan taalgebrûkskoaden; 5. it ôfstimmen en folgjen (‘monitoarjen’) fan aktiviteiten foar de meartaligens yn alle domeinen; 6. it yn it ramt fan synerzjy opsetten fan projekten dêr’t ûnderskate domeinen by behelle wurde; 7. it sels ûntwikkeljen of troch oaren ûntwikkelje litten fan materiaal keppele oan de fraach út it fjild; 	<p>Der is in <i>Sintrum foar Fryske Taal en Kultuer</i> mei as taken:</p> <ol style="list-style-type: none"> 1. taalfyzje-ûntwikkeling en taalbeliedsûntwikkeling; 2. taalbeliedsadvisearring yn alle maatskiplike domeinen; 3. foarljochting, taalpromoasje en -marketing; 4. it jaan fan stipe oan alle maatskiplike domeinen by it stal jaan oan taalbelied ensfh.; 5. koördinearring en taalplanning; 6. projektûntwikkeling en begelieding; 7. materiaalûntwikkeling;

	<p>8. it soargjen foar in brede sprieding fan aktiviteiten oer de provinsje en it folgjen ('monitoarjen') dêrfan;</p> <p>9. it foar alleman sichtber meitsjen fan alle aktiviteiten om dêrmei sjen te litten dat it Sintrum oer alle boegen saakkundigens hat en dat dêr in berop op dien wurde kin;</p> <p>10. it ynspyljen op it ferlet oan feardichheden dat troch de projektaktiviteiten ûntstiet en it derfoar soargjen dat foarsjoen wurdt yn it ûntwikkeljen fan dy feardichheden;</p> <p>11. it bewustmeitsjen fan de Fryske befolking fan de wearde fan it Frysk troch breed opsette projekten en sjen litte dat it soarchdragen foar it Frysk bêst te realisearjen is;</p> <p>12. it stal jaan oan it bewekjen fan de taalkwaliteit (taalsoarch en taalnoarm) en it útdragen dêrfan;</p> <p>13. it ferlet oan ûndersyk ynventarisearje by de aktiviteiten yn it fjild en dêr de ûndersyksynstituten by behelje.</p> <hr/>	<p>8. monitoaring fan it taalbelied op safolle mooglik plakken yn de provinsje;</p> <p>9. sammeljen, ûntwikkeljen en trochjaan fan saakkundigens;</p> <p>10. yn gearwurking mei oaren organisearjen c.q. ûntwikkeljen en fersoargjen fan (by)skoalling;</p> <p>11. organisearjen en útfiering fan maatskiplike aktiviteiten troch taalaksjeplannen;</p> <p>12. soarch foar de taalkwaliteit fan it Frysk;</p> <p>13. realisearjen fan ûndersyk dat keppele is oan ynstellings lykas de Fryske Akademy/Mercator en de Hegeskoallen.</p>
--	---	--

4. Ynliedings

Op 29 oktober 2008 sprieken û.o. Meirion Prys Jones fan de Welsh Language Board, de organisaasje foar taalbefoarding yn Wales, en Akademy-direkteur Reinier Salverda út namme fan de ‘Oanfalsgroep’ oer ‘In sintrum foar Fryske Taal’ (par. 4.2). Willem Verfi iepene de gearkomst as ‘oanjager’. Dat died er mei in oprop om út de ivoaren toer te kommen en alderearst de trochsneed Fryskprater te beheljen by it kedizen oer de takomst fan de taal. De tekst fan de lêste twa ynliedings, justjes oanpast, folge hjirûnder (par. 4.1).

4.1 Yn de oanfal!

It is my fansels in grutte eare dat in hast fjouwer jier ferlyn skreaun kritysk artikel yn ‘de Moanne’ oanlieding west hat foar trije doktorandussen, twa doktors en in echte professor om in oanfalsplan foar it Frysk te skriuwen. En dat ferfolgens ien fan de lêste symposiums dy’t hâlden wurdt yn dit meikoarten troch de Akademy ôf te stjitten gebou, wijd is oan de takomst fan it Frysk. Even in sydstapke, steateleden: it hat dus winliken sin om Fryske kulturele blêden te subsidearjen. Der kin fan alles út fuortkomme!

It giet hjoed oer sa’n bytsje it iennichste tema út de Provinsjale polityk dêr’t jimme echt it lêste wurd oer hawwe. Dat hawwe jimme net fan hjoed op moarn, dat lêste wurd: der sille fêst noch wol twatrije generaasjes oer hinne gean ear’t der gjin húshâldings mear binne dêr’t Frysk trochjûn wurdt oan de bern. Sels as wy neat dogge.

It Frysk is dus noch net ferlern en sa’t wy hjir meimekoar sitte, wolle wy ek net dat it ferlern giet. De saak is om elkoar te ynspirearjen, elkoar moed te jaan, ideeën út te wikseljen dêr’t men it fielen by krijt: Jes! Hjir hawwe wy wat oan. En, even as oprjochte wolwêzenswurker wat goerie: foar in treflike útwikseling kin it helpe om even djip te sykheljen en jinsels te twingen ta twifel ear’t men it idee fan in oar ôfkreaket.

Mar likegoed: ús taal is linkendewei oan it ferdwinen. Sûnt 1995 is it tal âlden dat mei de bern Frysk praat mei in tredde part ôfnommen. It tal bern dat mei freontsjes en freondintsjes Frysk praat, is yn de lêste tsien jier ta de helte sakke. Dat komt út in Nijmeegs ûndersyk fan twa jier ferlyn.

Dielde belutsenheid, dield entûsjasme, dat mei der net ta liede dat wy de realiteit út it each ferlieze.

It Frysk is stadich op syn retoer.

Itsij...

Wy komme yn aksje.

Itsij...

Wy witte oaren yn aksje te krijen.

De opstellers fan it oanfalsplan en ik diele de soarch om de takomst fan de taal, en wy diele ek de analyze dat de *machtsbasis* foar it Frysk te lyts is om oerlibje te kinnen. Mei ‘Frysk is fun’ en wat op himsels steande aardige ynsinditele projekten komme wy der net. It Frysk sil folle promininter plak krije moatte yn it iepenbiere libben. Wa’t de taal machtich is, sil der materiëel en ynmateriëel foardiel fan hawwe moatte. Wa’t yn Fryslân wennet en it Frysk net machtich is, sil dêr echt hinder fan hawwe moatte yn it deistich bestean. Allinne ûnder sokke kondysjes bliuwt in taal oerein.

De yn trochsneed alderaardichste steateleden en oare bestjoerders yn dizze provinsje steane lykwols net klear om wat it Frysk oanbelanget macht út te oefenjen. It is ek mar de fraach oft dat samar kin, anno 2009. Yn de tiid dat it Frysk syn status as earste taal ferlear, fiifhûndert jier ferlyn, lei dat even oars. De troch de Saksen oanstelde Hollânske bestjoerlike boppelaach hie it fanda-toangeande makliker. De eigen Fryske pommeranten hiene net folle oars dien as ûnderinoar oarlochje yn de fyftjinde ieu, dat wie gjin fraai foarbyld. In sterk sintraal gesach wie suver hast wolkom, tink ik, my ferpleatsend yn de deistige praktyk fan gewoane minsken, dy’t ek in bytsje knap troch de tiid woene. Dy lju woene de nije hearen dêrom wol nei de mûle prate.

Mar dy tiden binne foargoed foarby. Jo kinne langer de macht net gripe, it folk moat jo dy macht takenne. Dus: korreksje, it is gjin fraach oft dat samar kin, de macht útoefenje en minsken fan alles oplizze dat har deistich hâlden en dragen feroaret. It kin gewoan net.

Dat betsjut dat in mearheid fan de Friezen, kreker sein fan de ynwenners fan Fryslân, it der mei iens wêze moat dat wy konsekwint wurkje oan in steviger

posysje foar it Frysk. Jo kinne deroer prate yn alderhanne termen: draachflak, bewustwurding, basishâlding. It is ek net in kwestje fan ien kear freegjen oft de minsken dy stevige posysje foar it Frysk wolle. It is in kontinu te bepraten tema yn in grut ferskaat oan maatskiplike rûnten. Dêrom haw ik it idee fan in referendum, dat neamd wurdt yn de gearfetting fan it oanfalsplan ûnder ‘Ramt en doel’, yn oare diskusjes dy’t folgen op dat artikel rillegau oan kant setten. Wêr’t ik wol op oanstean, no al sa’n tweintich jier, is in *Brede Maatskiplike Diskusje*. En dat eintsje lit ik net slûpe.

Ik haw it idee foar it earst nei foaren brocht yn in taspraak dy’t ik septimber 1989 hâlde mocht op it Reaklif. Yn 2005 en 2006 like it der even op dat ik in groep byinoar krije soe dy’t de ferantwurdlikheid foar de útfiering oppakke woe. Spitigernôch slagge dat doe net. Nei oardel jier besykjen haw ik myn BMD-stribjen ynearsten stopsetten en foarrang jûn oan de literêre skriuwerij. Dat levere in roman op en dy is, seker foar djipfriezen en foar politisy, prachlich lêsoer en gewoan te keap. Op de dokumintaasjetafel lizze kopyen fan artikels en stikken oer de BMD Frysk. En dy binne fergees.

Mar ik kaam hjir fansels net foar de hannel. Werom nei it sintrale fraachstik, en dat is neffens my: hoe soargje wy foar de kondysjes wêrûnder oft de mearheid fan de minsken yn dizze provinsje, dy’t ik fierder foar it gemak mar Friezen neam, meiwurket oan in gruttere *machts*basis foar it Frysk? Op de simpele fraach: “wolle jo dat it Frysk bestean bliuwt?” haw ik altyd fan Durk Gorter begrepen dat in romme mearheid fan dy Friezen seit: “Jawis! It Frysk moat bliuwe!” Dat is moai, mar it wurdt fansels dreger om in posityf andert te jaan op sa’n fraach wannear’t der ek wat fan jin ferwachte wurdt. It giet net om in saak dy’t oaren wol foar jin regelje kinne, it giet konkreet om it eigen hâlden en dragen fan rûchwei 650.000 minsken dy’t de taal yn mearheid machtich binne, en wêrfan’t krekt minder as de helte dit Frysk ek as earste taal alle dagen brûkt.

It eigen hâlden en dragen. Nim no de kar foar it trochjaan fan de taal oan jins eigen bern. Der is fansels in lytse kategory dy’t dêr bewust foar kiest om gjin Frysk mei de bern te praten. De measte twatalige stellen komt it gewoan oer: fereale, ferkearing, yntimateiten útwikselje yn in taal dy’t beide begripe. Wannear’t dy taal Nederlânsk is, wurdt dat faak de deistige omgongstaal, en dêr groeie ear’t jo der erch yn hawwe, de bern yn op. Jo moatte as ien fan de partners bewust sokke prosessen doare te trochbrekken op stuit dat der neiteam komt: dat fielt ûnwennich. It is krekt of nimme jo ôfstân ta jo man of

frou, wannear’t jo beslute om mei de bern dochs konsekwint Frysk te praten en in twatalige húshâlding te wurden. Wêr is dat spotsje op tillefyzje dat ús sjen lit hoe’t minsken dêrmei dwaande binne en hoe’t se ta in goede oplossing komme? It soe fantastysk wêze om sa’n spot te brûken yn in reklamekampanje dy’t de minsken opropt mei te dwaan yn de brede maatskiplike diskusje.

It eigen hâlden en dragen. Nim no it feit dat minsken har ferbûn fiele mei ús regio en hoe’t de taal in ferfiermiddel is foar dat fielen. Dat it in stik fan jinsels is. Dat it net om ’e nocht is dat is: dat Frysk toaniel, iepenloftspul en profesjoneel teater, dat Frysk sjongende musisy sa’n brout publyk lûke. Dy bân, dy werkenning, dat ferbûn fielen, dat gunne jo dochs takomstige generaasjes ek? Mar ja, dan moat dy taal der noch wol wêze. Pracht materiaal foar in kleurefolder op goed papier mei moaie foto’s dy’t hûs oan hûs de minsken ferliedt om mei te dwaan yn dy diskusje.

It eigen hâlden en dragen. Friezen binne net wend om ynformaasje yn it Frysk te krijen fan de oerheid en oan har besibbe ynstânsjes. Likegoed is dêr no en dan dy goedwollende amtner dy’t flyt dien hat op in kreas Frysk brief. Dy hat grutte kâns dat er fral as reaksje krijt: “Om my hoecht soks net yn it Frysk, hear. Want dat lêzen is folle dreger. Wy binne dat net wend.” Dêr hat dy frou of man dan twa winters foar op kursus west. Moai materiaal foar in minyharkspultsje dat as advertinsje minstens sa faak op ’e radio komt as de net genôch te priizgjen Lippe Lap.

It eigen hâlden en dragen. In taal dy’t oerlibbet, wurdt ek frekwint skriftlik brûkt, en dan net inkeld foar in koartswilich stikje of in prachtige literêre dichtbondel, mar ek foar it boadskiplistke, de formele kommunikaasje, op de webside likegoed as op papier, foar de meidielings yn skoalle- en klupblêd, it tydskrift, de berjochten fan de plysje en de brânwacht en gean sa mar troch. Wolle de Friezen yn sa’n taallânskip libje? Wy kinne it net foar har meitsje, it moat ûntstean, organysk. De oerheid kin wol betingsten skeppe en stimulearje. En dat mei fan my in moai stik yntinsiver. Mar de aktiviteiten fan in oerheid dy’t op dy wize aktyf is, falle allinne mar goed, sille allinne mar fertuten dwaan, wannear’t de mearheid fan de Friezen ta it ynsicht kaam is dat foar it oerlibjen fan it Frysk sa’n gedrachsferoaring nedich is! Wannear’t dy mearheid sein hat: *dit moat wêze, en ik sil mysels ek ynsette en myn hâlden en dragen oanpasse*. En it helpt Friezen heul bot om te witten dat yn har strjitte,

yn har doarp en miskien sels wol yn har stêdswyk mear minsken binne dy't itselde paad op wolle.

As in brede maatskiplike diskusje liedt ta sa 'n breed draachflak, dan hinderet it net iens sa'n soad wannear't de foarm dêr't dy stimulânsen yn getten wurde no en dan wat amateuristysk wêze soe. Knoffelige propaganda is lykwols deadlik foar it lêste krûmke meiwurking wannear't der gjin breed draachflak is.

Foar de BMD sels jildt dat ek. Dat kin allinne mar wat wurde wannear't it kwaliteit hat. Ik jou in rûge skets. Om te begjinnen: de provinsje lûkt royaal jild út foar de BMD. Kulturele fûnsen wolle ek foars bydrage. It barren kin dan treflik, profesjoneel en ûnôfhinklik organisearre wurde. Yn alle hoeken en hernen fan Fryslân. Yn skoallen en yn buert- en doarpshuzen. Op 'e tillefyzje en radio. Gearkomsten dêr't elk wolkom is, en gearkomsten foar bepaalde beropsgroepen. Yn ferienings. Mei goed ûndersteunend skriftlik materiaal. Mei in ûnôfhinklike, mar troch de provinsje fasilitearre tarissing en ferslachjouwing yn de deiblêden en de streekkranten. De bêste petearlieders dy't Fryslân hat, soargje foar fûnkeljende diskusjes, en komme foar dat der lang eamele wurdt. Natuerlik wurkje dyselde prima petearlieders graach mei oan in yntinsive trening foarôf. Hja witte ommers wat der op it spul stiet. Der binne ynlieders, dy't yn in boeiend praatsje fan op syn heechst in kertier de dilemma's en betingsten foar it fuortbestean fan it Frysk sketse kinne. Dat wurdt stipe troch koarte fideoboadskippen dy't én boeiend binne om nei te sjen én in hege ynformative wearde hawwe. Der is in webside, dêr't kenners fan sizze dat der se noch nea sa'n goeien sjoen hawwe, kwa foarmjouwing, ynformaasje en tagonklikens. De ynformaasje moat levere wurde troch de bêste wittenskippers dy't wy fine kinne. De bêste sjoernalisten dy't wy hawwe, moatte dy ynformaasje omsette yn koarte stikken, skreaun yn libben en direkt oansprekkend Frysk.

It moat in barren wurde dêr't minsken letter fan tsjin har bernsbarn sizze: dêr haw ik by west. Dat wie moai, dat wie spannend, dat wie oangripend, ik wist dat der wat op it spul stie en dat makke it sa de muoite wurdich. Want ek sûnder ôfslutend referindum moat it foar elk dúdlik wêze dat it in gjin frijbljuwende ûndernimming is, dy brede maatskiplike diskusje oer it Frysk.

It lêste dat wy yn de diskusje dwaan moatte, is elkoar oanfalle. Goed begripe: wa't him net bekroadzje *wol* oer de takomst fan it Frysk, wa't wy net ferliede kinne om oan de diskusje mei te dwaan, of wa't wol meidocht mar mei ar-

guminten komt om *net* yn it fuortbestean fan it Frysk te ynvestearjen, dat is net ús fijân, mar gewoan in meibewenner fan dit gewest dy't yn syn goeie rjocht stiet. Kwaliteit en respekt moat in earsten skaaimerke wêze fan de Brede Maatskiplike Diskusje Frysk.

De boel hjoed oanjeie, dat moast ik dwaan. Ik haw in protte wurdearring foar it wurk fan de binde fan seis dy't dizze dei taret hat en soarge hat foar in fûstige skriftlike ûnderlizzer. Tal fan prominente Friezen binne ferlaet om hjir hjoed mei te kedizen. Treflik wurk. Eins kin dit it begjin fan de diskusje wurde dy't ik sa nedich achtsje. Mar op ûnderdielen moat de toan wezentlik oars. Ik jou ien foarbyld. Dat it Frysk in promininter plak yn it ûnderwiis krije moat, dêr binne wy it gau oer iens, bygelyks. Mar "testen, toetsen en mjitynstuminten", om mar eat te sitearjen út it rapport, dat binne no krekt de dingen fan skoalle dêr't de measte minsken net mei nocht oan weromtinke. Dy ynspirearjende skoalmaster of dosint, dy't it sa goed bringe koe, dêr tinke wy wol mei nocht oan werom. Yn in brede maatskiplike diskusje sille de ûnderwizers, praktisearjend of noch yn oplieding, dêrom in groep wêze moatte dy't folop meidocht. Wannear't hja ynspiraasje opdogge, dan jouwe hja in positive taalhâlding op har beurt wer troch oan de learlingen en har âlders. Mar wannear't wy twifeljende en ûnwisse skoaljuffen en masters twinge bern ree te meitsjen foar toetsen en mjitterij, dan kweke wy fral argewaasje by alle belutsen lju, ynklusyf ússels. Dat is kontraproduktif foar it fuortbestean fan de taal. Hjir jildt ek: jo kinne de macht wol besykje te gripen troch fan alles oan de minsken op te lizzen, mar sa wurket it hjoeddei net mear. Foar safier't it ea wurke hat.

Ta beslút: Wa of wat falle wy oan? Minsken mar leaver heulendal net. Dus wat falle wy oan, dat is dan de fraach dy't oerbliuwt. Wy wolle wat feroarje. By de ynweners fan dit gewest, by ússels, en as it heal kin by tal fan oaren. Wat wy feroarje wolle is in mentaliteit. Dat is sok sawat as in wize fan tinken en fielen. In bysûndere kombinaasje fan ratio en emoasje.

Lit ús dat feroaringsproses op in earlike manier starte. Wy binne heul oprjucht wannear't wy de Friezen temjitte geane mei in útnoeging. Dy moaie taal fan ús, sizze wy dan, dy kin mar ien kear ferdwine. Dat wolle wy eins net, jimme dochs ek net? Mar dan moat der wol wat barre. Wat hawwe jimme derfoar oer? Sille wy it dêr ris goed oer hawwe?

W. Verf, 29 oktober 2008

4.2 In Sintrum foar de Fryske Taal

Bijdrage fan Reinier Salverda op 29 oktober 2008

“Je hoeft geen nationalist te zijn om van Fryslân te houden.” (Fokke Sierksma)

1. Inleiding

In de inleidingen van vanochtend zijn een paar stimulerende kernwoorden naar voren gekomen. Voorzitter Jan From omschreef het *Aanvalsplan Friese Taal en Cultuur*, dat in oktober 2007 bij de Commissie Boarger en Mienskip van Provinciale Staten ingediend is, als een ‘burgerinitiatief’. Schrijver Willem Verf vroeg om een ‘brede maatschappelijke discussie’ over het taalbeleid van de toekomst. En dr. Jones heeft in zijn presentatie van de *Welsh Language Board* een aantal aanstekelijke voorbeelden gegeven van de pragmatische aanpak die in Wales zo succesvol blijkt te zijn.

Dat we in Fryslân veel kunnen leren van de voorbeelden uit Wales komt doordat ze daar flink wat verder zijn met het taalbeleid dan wij hier. En dat is nu al vele jaren zo, zoals we telkens weer kunnen vaststellen. In 1937 bijvoorbeeld wees Titus Brandsma in een discussie over het toelaten van het Fries in het onderwijs de onderwijsinspecteur uit Groningen op het voorbeeld van de scholen in Wales, waar de kinderen èn goed Engels èn goed Welsh bleken te leren. In 1974 publiceerde Krine Boelens in een speciaal Wales-nummer van het tijdschrift *It Beaken* een kritische vergelijking van het taalonderwijs in Wales en in Fryslân. En vandaag hebben we gehoord hoe de *Welsh Language Board* werkt, wat haar structuur en organisatie is, hoe haar budget en activiteiten in elkaar zitten, en wat voor praktische en creatieve initiatieven daar worden ontwikkeld in samenspraak met allerlei partners in het maatschappelijk middenveld.

De vraag is daarbij wel wat er nu precies van deze voorbeelden te leren valt. Nu, om te beginnen hoeven we daar in elk geval niet van te leren om met vernieuwend taalbeleid te wachten tot het er met het Fries net zo slecht voor staat als met het Welsh in de jaren negentig van de vorige eeuw. Toen immers bleek dat er in Wales nog slechts zo’n twintig percent van de bevolking de eigen taal, het Welsh, sprak, terwijl dat percentage in Fryslân nog steeds ruim boven de vijftig procent ligt. Duidelijk is echter wel, dat de nood de mensen in Wales vindingrijk heeft gemaakt. Wat daar vruchtbaar en leerzaam

aan is, kunnen we samenvatten in de volgende hoofdpunten betreffende de Welsh Language Board:

- (i) de gestructureerde en pragmatische aanpak, gericht op bevordering van het gebruik van het Welsh;
- (ii) de focus op resultaat, te bereiken via partnerships en action plans;
- (iii) de professionele inzet op dienstverlening, ondersteuning en praktische adviezen, met als doel om de zichtbaarheid van de taal te bevorderen;
- (iv) de integrale aanpak, via partnerships in allerlei verschillende maatschappelijke domeinen: het gezin, de jeugd, de sport, lokale communities, het werk, de publieke sector, de gezondheidszorg, het onderwijs, de media;
- (v) de solide wettelijke basis waarop dit alles berust, te weten de *Welsh Language Act* van 1991, met daaraan vast een heldere, professionele organisatie en een duidelijk budget van 18 miljoen pond per jaar.

Bij dit alles is van centraal belang de richting die dr. Jones in zijn presentatie heeft aangegeven, met de simpele vraag: Wat kunnen we doen ter bevordering van de taal? En wat werkt in de praktijk het beste? Deze praktische in-steek spreekt mij, als één van de schrijvers van het *Aanvalsplan*, bijzonder aan.

Dat brengt ons aan de kernvraag van vandaag: Wat valt er in Fryslân te doen, en wat is er nodig voor het Taalbeleid van de Toekomst? Wat is belangrijk om te doen en te ondernemen om ook op langere termijn de positie en het gebruik van het Fries te verzekeren, te bevorderen en te versterken?

2. Uitdagingen en kansen

Om aan een antwoord op deze kernvraag te komen, begin ik ergens anders, en wel bij de belangrijke internationale conferentie over *Bedreigde Talen en Taal leren* die we hier vorige maand hebben gehad. Het ging daar om talen die echt heel erg direct met uitsterven en ondergang worden bedreigd, of dat nu is in China en Siberië, in Schotland en Noord-Friesland, in Maleisië en Suriname, of in Canada en Noord-Afrika.

Wat uit die conferentie naar voren kwam, is iets heel belangrijks – namelijk, wat je in een dergelijke bedreigende situatie toch nog allemaal kunt doen om de ondergang tegen te gaan, door te investeren in onderwijs, in taal leren, in het ontwikkelen van lesmateriaal, in het stimuleren van mensen, gemeenschappen en instellingen om toch hun taal te blijven gebruiken en hun cultuur te blijven ontwikkelen en deze door te geven aan de volgende generatie(s).

Dit is het gemeenschappelijke punt in zowel Wales als in de hierboven genoemde taalsituaties: op taalgebied valt wat te bereiken door in de toekomst te investeren. Dit is een belangrijk punt en ik kom er straks nog op terug.

Ik teken hier direct bij aan dat het Fries en het Nederlands niet in die zin bedreigde talen zijn. Immers, ze zitten beide ruim boven de drempel van honderdduizend moedertaalsprekers, het aantal dat vaak als minimum wordt beschouwd voor het overleven van een taal, en beide talen worden ook niet onmiddellijk met ondergang of uitsterven bedreigd.

De Amsterdamse taalsocioloog De Swaan heeft heel duidelijk van het Nederlands gezegd dat deze taal, hoewel niet een grote wereldtaal, toch een zodanig gewicht heeft door de staatsmacht, de economische en de sociaal-culturele betekenis die erachter zitten, dat zij absoluut niet bedreigd is. Daar-teenover heeft collega De Bot uit Groningen een heel duidelijk scenario geschetst van de verengelsing die tegenwoordig hand over hand toeneemt in alle sectoren van het maatschappelijke leven, in de economie, de filmwereld, de media, het bedrijfsleven, onderwijs en wetenschap en in het straatbeeld. Volgens recent onderzoek is in het Taallandschap van Leeuwarden ongeveer 70 procent van de winkelreclames in het Nederlands, 25 procent in het Engels, en amper 5 procent in het Fries. Amsterdam is hier het verst gevorderd, en *Het Parool* publiceerde laatst op de voorpagina het (tweetalige) voorstel van D66 om die stad nu ook officieel tweetalig (Nederlands/Engels) te maken.

Velen maken zich hier zorgen over, en zo heeft het kabinet-Balkenende begin 2007 in haar regeringsverklaring aangekondigd te willen bevorderen dat het Nederlands als nationaal verkeersmiddel wordt vastgelegd in de grondwet, met daarbij in één adem door de belangrijke toevoeging: “onverminderd de rechten en verplichtingen en verdragen waarin de positie van het Fries is geregeld”.

Minister Van der Horst was deze toevoeging mogelijk even vergeten, maar daar heeft de grote, brede en sterke Friese lobby haar en de Tweede Kamer eind oktober met succes aan weten te herinneren. Het resultaat daarvan is nu een hele duidelijke positie: Als het Nederlands in de grondwet komt, dan ook het Fries als tweede officiële rijkstaal.

Dat zoiets in Europees perspectief helemaal niet vreemd is, zien we in Finland, waar in één en hetzelfde grondwetsartikel de positie wordt geregeld van de beide nationale talen, het Fins en het Zweeds, en tegelijk ook die van de minderheidstaal, het Sami, dat in het noorden van het land gesproken wordt. En aan dit grondwetsartikel zit dan een nationaal taalbureau vast, dat door onderzoek, advies en regelingen handen en voeten geeft aan de realisering van dit taalbeleid.

Een dergelijke aanpak is niet alleen maar van lokaal Fins belang. De Finnen hebben hiermee op een heldere manier geregeld wat intussen ook Europese kernwaarden en grondrechten zijn geworden, te weten enerzijds (negatief) het verbod op taaldiscriminatie, en anderzijds (positief) respect voor taal- en cultuurdiversiteit als hoeksteen van de Europese beschaving. Tussen deze twee polen in ligt een grijs gebied open voor het ontwikkelen van zinvol en effectief taalbeleid, en het is hier dat de Finnen en de Welsh ons interessante voorbeelden te zien geven.

Op dit punt zijn, als we naar het Fries kijken, twee hoofdargumenten van belang. Ten eerste geldt dat erkende talen met (grond)wettelijke status in Brussel eerder worden gezien dan andere – zoals het Baskisch en het Catalaans uit Spanje, het Welsh en het Scottish Gaelic uit het Verenigd Koninkrijk in Brussel nu geaccepteerd worden als co-officiële talen. Ten tweede, het belang van een goede (grond)wettelijke regeling is, dat daarmee de positie van het Fries staatsrechtelijk verankerd wordt in een juridische vorm die veel sterker is dan de huidige situatie, waaraan het Fries de bepalingen volgt van de *Bestuursafspraken Friese Taal en Cultuur* en van het *Europees Handvest voor regionale talen of talen van minderheden* van de Raad van Europa – allebei juridische instrumenten van beduidend zwakkere kracht en veel lagere status dan een wet of grondwet.

Laten we hier dus leren van de Welsh, dat een goede Taalwet Fries, met daarbij een behoorlijk budget en een effectieve professionele organisatie, betere garanties biedt voor de verankering van het Fries, en een elementaire

basisvoorwaarde vormt om een effectief taalbeleid te kunnen ontwikkelen. Dit lijkt mij een heel belangrijk actiepunt voor de Friese lobby richting Den Haag.

3. Hoe werkt dat in de praktijk?

We moeten echter niet denken dat we er met een grondwet en een taalwet wel zijn. Op zich zijn dit dringend noodzakelijke stappen, waarmee een goede staatsrechtelijke verankering verzekerd wordt, maar daarmee wordt op zichzelf nog slechts de basis gelegd voor de verdere inspanningen en activiteiten die nodig zijn om tot een effectief en succesvol taalbeleid te komen. Wat is er verder dan nog nodig op dit gebied?

